

# Ynlieding

By de oarders foar de befêstiging fan amtsdragers sa't dy hjir oanbean wurde, is útgien fan wat de tsjerkoarder fan de Protes-tantske Tsjerke yn Nederlân oer de amten seit.

## **Jeften fan de Geast**

It is de Geast dy't minsken ta it leauwe ropt, har hilliget troch mannich jefte, har krêft jout om fan it evangeelje te tsjûgjen, har by steat stelt om har ropping yn 'e wrâld te folgjen. Alle leden fan de gemeente hawwe de ropping en it rjocht, om har jeften te brûken foar it folbringen fan de opdracht dy't Kristus oan de ge-meente jout (Artikel IV-2). As de tsjerke/de gemeente minsken fynt, dy't jeften fan God ûntfongen hawwe om de keppel fan God te lieden, op te bouwen en op 'e noed te nimmen, kin se dy minsken weardich achtsje om yn in amt befêstige te wurden.

## **Amten**

It iepenbiere amt fan Wurd en Sakramint is út namme fan Kristus jûn om de gemeente te hâlden by it heil en te bewarjen by har ropping yn 'e wrâld. Mei it each op dy tsjinst ûnderskiedt de tsjerke it amt fan predikant, it amt fan âlderling, it amt fan diaken en ek noch oare tsjinsten yn tsjerke en gemeente (Artikel V-1).

## **Beropping en ferkiezing**

De ropping ta it amt bart út namme fan Kristus, pleatslik troch de gemeente, fierders troch de tsjerke, útsprutsen troch de gearkomsten dy't dêr it foech ta hawwe (Artikel V-4). Predikanten wurde troch de tsjerke yn har gehiel talitten ta it amt en beroppen troch en ferbûn oan in pleatslike gemeente of foar in beskaat tsjinstwurk beroppen troch en ferbûn oan in klassis of oan de lanlike tsjerke. Alderlingen en diakens wurde keazen troch de gemeente dêr't se by hearre.

## **Befêstiging**

Alle befêstigjen yn it amt wurdt ûnder it oanroppen fan de Geast dien (Artikel V-5) en dat mar ien kear, omdat dy befêstiging in libbenslange tawijing oan de Hear ûnderstelt.

It amt fan predikant is net oan plak of termyn bûn: de predi-kant wurdt dêrom foar it libben yn it amt befêstige (Ordinânsje 3-5-7). By in trochgeande amtsbeklaaiing fan in tsjinner fan

it Wurd, yn in oare gemeente of mei in oare taak, is der gjin sprake fan in nije befêstiging. Yn dat gefal wurdt sprutsen fan in ferbyntenis oan in oare gemeente of oan in oar tsjinstwurk.

It amt fan âlderling en diaken is bûn oan de pleatslike gemeente dêr't se by hearre en duorret in beskate tiid (Ordinânsje 3-7-1). Wannear't âlderlingen of diakens yn in oare gemeente op 'e nij ta it amt roppen wurde of yn deselde gemeente ta in oar amt roppen wurde, wurde se wer befêstige. Mar wannear't se yn deselde gemeente foar in nije perioade yn itselde amt keazen wurde, wurde se net op 'e nij befêstige. Dan is sprake fan it fuortsetten of it weropnimmen fan it amt.

### **Mienskiplike en bysûndere ferantwurdlikheid**

By it befêstigjen fan predikanten, âlderlingen en diakens moat de mienskiplike ferantwurdlikheid likegoed as de bysûndere ferantwurdlikheid fan alle trije amten apart ta syn rjocht komme (ferl. Ordinânsje 3-8-1 en Ordinânsje 4-1-2).

### **It hânoplizzen**

By it befêstigjen fan predikanten giet it om de fuortgong fan it apostoalysk tsjûgenis. Predikanten wurde dêrom befêstige ûnder hânoplizzen fan de tsjinnern fan it Wurd (Ordinânsje 3-5-7).

By it befêstigjen fan âlderlingen en diakens giet it om de opbou en it tarissen ta tsjinstbetoan fan de gemeente. Harren kinne de hannen ek oplein wurde troch de tsjinner fan it Wurd (Ordinânsje 3-9-1).

# Taljochting

## Algemien

### *Liturgyske kleur*

By it befêstigjen fan amtsdragers is de liturgyske kleur read. It is de kleur fan it fjoer, dy't ferwiist nei Pinkster: de hillige Geast. Tagelyk is it de kleur fan it bloed fan martlers, tsjûgen fan it leauwe. As de tsjinst alhiel yn it teken fan it befêstigjen fan amtsdragers stiet en de kar fan de lêzingen dêr ek troch útmakke wurdt, kin de reade kleur foar de hiele tsjinst jilde. Giet it om it befêstigen fan in predikant, dan wurdt dy mei in reade stola beklaaid.

As amtsdragers op in sneintemoarn befêstige wurde en de lêzingen fan dy snein klinke, bepaalt it tiideigene de kleur fan dy snein. Yn de Aavintstiid bygelyks is de kleur pears. De foargonger ferwikselet dan syn pearse stola foar in readen as de befêstiging fan amtsdragers begjint. As in predikant befêstige wurdt, leit it yn 'e reden om dy te beklaiien mei in stola yn de kleur fan de snein, mei't er/se fierderop yn 'e tsjinst de foargonger wêze sil.

### *Lêsroaster*

Wannear't de befêstiging yn it amt sintraal stiet, kin gebrûk makke wurde fan it lêsroaster dat yn dit tsjinstboek opnommen is. Is de befêstiging yn it amt opnommen yn de fiering op snein, dan kinne de lêzingen fan dy snein brûkt wurde.

## Oarder foar de befêstiging fan in tsjinner fan it Wurd

### *De struktuer fan de tsjinst*

Yn in tsjinst fan Skrift en Gebed wurdt de tsjinner fan it Wurd foar de ferkundiging fan de Skriften befêstige. De nij befêstige predikant kin de gemeente dan daliks ek foargean yn it iepenjen fan de Skriften, de preek en de gebeden.

Yn in tsjinst fan Skrift en Miel kin de befêstiging ek nei de ferkundiging fan de Skriften holden wurde. De nij befêstige predikant giet de gemeente dan foar yn de betsjinning en de fiering fan it Miel fan de Hear.

Yn skema brocht, sjocht it der sa út:



## Yntree

### **Befêstiging**

presintaasje  
opdracht  
gelofte  
gebed om de Geast  
litany mei alle hilligen  
Gesang 237  
befêstigingsgebed en  
hânoplizzen  
beklaaiïng mei stola  
oanfurdiging en fredegroet

### **De hillige Skrift**

### **De hillige Skrift**

#### **Befêstiging**

presintaasje  
opdracht  
gelofte  
gebed om de Geast  
litany mei alle hilligen  
Gesang 237  
befêstigingsgebed en  
hânoplizzen  
beklaaiïng mei stola  
oanfurdiging en fredegroet

### **Gebeden en jeften**

#### **[Miel fan de Hear]**

### **Utstjoering en seine**

#### *Yntree – klaaiïng en plak*

De kandidaat komt by it begjin fan de tsjinst mei de foargonger en de tsjinstdwaande amtsdragers de tsjerke yn. Hy/hja draacht in toga of in liturgysk gewaad, mar gjin stola. Dy stola is it teken fan it amt en de kandidaat is noch net yn it amt befêstige. Syn/har plak is (noch) net by de amtsdragers, mar yn 'e gemeente (op 'e earste rige bygelyks). Nei de befêstiging nimt er/se it plak fan de foargonger yn.

#### *Presintaasje*

De gemeente hat in kandidaat ta de hillige tsjinst beroppen. Dy wurdt no yn de gemeente, dêr't er/se beroppen is, foar it libben yn it amt fan tsjinner fan it Wurd befêstige. By de presintaasje wurdt de wei dy't oant no ta ôflein is, út de gemeente en út 'e tsjerke as gehiel wei sketst. It is de gemeente dy't dizze kandidaat nei foaren bringt en weardich achte hat om har predikant te wurden. Immen kin allinnich mar predikant wurde as er/se troch de tsjerke ta it amt talitten is.

Wannear't de befêstiging begjint, noeget in tsjinstdwaande diaken de kandidaat út om oerein te kommen. Dy stelt him/





har op foar de foargonger oer mei de rêch nei de gemeente ta. De foarsitter fan de tsjerkeried sjocht de foargonger oan, seit dat de gemeente dizze kandidaat beroppen hat en freget him/har de kandidaat yn it amt te befêstigjen. Dêrby kin de foarsitter koartwei oanjaan wêrom't de gemeente no krekt dizze kandidaat beroppen hat.

De foargonger oertsjûget him/har derfan dat de kandidaat sûnder beswier befêstige wurde kin. Mei it each dêrop freget er/se earst oan de foarsitter fan de tsjerkeried oft der gjin wettige beswieren ynbrocht binne tsjin de troch de tsjerkeried folge proseduere by de beropping. Dêrnei freget er/se oan in fertsjintwurdiger fan de 'meardere gearkomste' oft de kandidaat troch de tsjerke ta it amt talitten is. De fêststelling dat de kandidaat weardich is om yn it amt befêstige te wurden rint út op in lofprizing, tankber troch de hiele gemeente meistimd.

#### *Opracht*

Nei't de kandidaat oan de gemeente presintearre is, lit de foargonger hearre hokker opdracht in tsjinner fan it Wurd hat. Dêr wurde trije ferskillende teksten foar oanrikt. De earste jout in opsomming fan de taken fan in tsjinner fan it Wurd, ûntliend oan it *Alternative Service Book* (1980) fan de *Church of England*. Yn de twadde tekst spilet de noasje fan 'it gean fan de wei' in sintrale rol. De folgelingen fan Jezus hjitte minsken 'fan de wei' (Hannelingen 9:2). Want op God betrouwe is it gean fan in wei, dy't de profeten en apostels ek al gien binne, mei it fisioen fan in nij Jeruzalem foar eagen. Ut dy tradysje wei wurdt de opdracht fan de tsjinnern fan it Wurd sketst: de gemeente foargean op de wei. De tredde tekst is in koarte ynlieding (neffens luthersk gebrûk, ûnder mear yn Nederlân) op grûn fan guon teksten fan Paulus: it goede boadskip bringe, hilligen tariesse ta tsjinstbetoan, it lichem fan Kristus opbouwe. By einsluten wurdt de kandidaat oproppen om syn/har tsjinstwurk mei blydskip te oanfurdigjen, yn betrouwen op de krêft fan de hillige Geast.

#### *Gelofte*

By de befêstiging yn it amt wurdt frege nei de ropping, nei de boarne fan leauwe en ferkundiging en nei de eigen hâlding: weardichheid en trou, leafde foar minsken, geheimhâlding yn it pastoraat en loyaliteit foar de tsjerke yn har gehiel oer. Yn dy fragen klinkt de tradysje fan ieuwen mei. Se bringe it eigene fan it amt yn de gemeente fan Kristus ta útdrukking.





De earste fraach, nei de ropping út namme fan God, begjint by de beropping troch de gemeente, omdat de ynderlike 'eigen' ropping fan de kandidaat dêr fan bûten ôf mei ûnderkend is.

De twadde fraach, oer de hillige Skrift as boarne fan de ferkundiging en iennige regel fan it leauwe, einiget mei de fraach nei ferset tsjin alles wat dêr stridich mei is. Dy is te ferlykjen mei it 'fersaakjen' (it ôfkearen fan it kwea) yn de peaskenacht.

Yn de tredde fraach referearret it wurd 'weardich' oan útdrukkings út âldere formulieren, lykas it jin hâlden en dragen 'de ropping dêr't jo mei roppen binne weardich' en de 'libbenswannel neffens it Wurd fan God'. Fierders wurdt frege nei leafde foar de gemeente en foar alle minsken dy't op de wei fan de amtsdrager komme, nei geheimhâlding en nei ferfolging fan de taak neffens de oarder fan de tsjerke.

De trije fragen wurde apart beântwurde en besletten mei in bea om help fan God.

#### *Gebeden en hânoplizzen*

Nei de gelofte ropt de foargonger de gemeente op om yn mien-skip mei de hiele tsjerke foar de kandidaat te bidden. De te befêstigjen tsjinner knibbelet en elkenien konsintrearret him yn in stil gebed. Dêrnei kin in litany mei alle hilligen bidden wurde. By de bysûndere befêstiging foar ien kear yn it amt fan in tsjinner fan it Wurd mei grif heard wurde dat wy in wolk fan tsjûgen om ús hinne hawwe (ferl. Hebréeërs 12:1). Nei it stil gebed en/of de litany folget it âlde gebed om de Geast: 'Kom Skepper, Geast'.

It bidden spitst him ta yn it eigentlike *befêstigingsgebed*. Dêr wurde twa formulearrings foar oanbean, dêr't út keazen wurde kin. Beide gebeden hawwe deselde opbou: tanksizzing – gebed om de Geast oer de kandidaat (epiklese) ûnder hânoplizzen – foarbea.

It earste gebed, dat út de tsjerke fan Súd-Yndia komt, is opnommen om syn oekumenysk gehalte. It eigene fan it amt klinkt dêryn troch (foar âlderlingen en diakens is der in eigen fariant fan dat gebed). It gebed foar de tsjinner fan it Wurd lit hearre dat de gemeente útkard en roppen is ta it ferkundigjen fan de grutte dieden fan God en yn Kristus in hoeder en opsjenner hat, dy't de minsken jeften jout om apostel, evangelist, hoeder en learaar te wêzen. It hânoplizzen hat in biddende foarm, rjochte op de Heare God: 'Stjoer no op jo tsjinner jo hillige Geast, de Geast dy't Jo troch jo Soan oan de apostels skonken hawwe





om yn leafde nei de minsken om te sjen'. De ferwizing nei de apostels lit hearre wêr't it by de befêstiging fan in tsjinner fan it Wurd om giet: it trochgean fan it apostoalysk tsjûgenis. It yn leafde nei minsken omsjen is in opdracht dy't foar alle trije amten jildt. By de diakens wurdt deroan taheakke: 'en jo barmhertichheid stal jout', by de âlderlingen 'en jo gemeente bout', by de tsjinner fan it Wurd 'jo Wurd te betsjinjen en jo gemeente te bewarjen by har ropping'.

It twadde gebed set yn by de ropping ta tsjinst fan Mozes, Mirjam en Aäron, profeten en prysters. It hat by it hânoplizzen de winsklikheidsfoarm, rjochte op de kandidaat: 'Mei God, ús himelske Heit jo ferljochtsje troch syn Geast'. De formulearring 'Mei Hy jo yn 'e betsjinning fan jo amt sâ *regearje*' docht in berop op it regear fan de Geast. De amtsdragers wurde yn tsjinst nommen troch de Geast en har opdracht stiet en falt mei de reewilligens om har liede te litten.

It hânoplizzen is it hert fan it gebed. Njonken de befêstiger sille oare tsjinneren de kandidaat de hannen ek oplizze om útdrukking te jaan oan it trochgean fan it apostoalysk tsjûgenis en oan de kollegialiteit yn it amt. Alle tsjinneren fan it Wurd kinne dêrby stilswijend oanslute by de tekst dy't de befêstiger by it hânoplizzen útsprutsen hat. Sels kinne se ek in bibeltekst útsprekke. Nei it hânoplizzen wurdt it gebed fuortset mei in foarbea foar de niis befêstige tsjinner.

#### *Stean en knibbelje*

Nei de befêstiging fan de kandidaat-amtsdrager is syn/har plak yn de gemeente feroare; dat wurdt sichtber yn it ritueel. Foar de befêstiging stie de te befêstigen amtsdrager mei de rêch nei de gemeente ta: hy/hja is troch de gemeente nei foaren skood en docht dêrút wei syn/har gelofte foar de Hear oer. It plak fan de knibbelbank ferbyldet dat: de kandidaat knibbelet mei it gesicht nei Skrift en Tafel ta. Nei it knibbeljen en de befêstiging ûnder hânoplizzen komt er/se mei it gesicht nei de gemeente ta te stean om him/har as tsjinner nei de gemeente rjochtsje te kinnen.

#### *Beklaaiing mei de stola en ferwolkomming*

Nei it befêstigingsgebed mei hânoplizzen komt de befêstige tsjinner oerein en beklaait de befêstiger har/him mei de stola as teken fan it amt. Hja/hy giet njonken de foargonger stean en





de foargonger freget de gemeente oft dy har nije predikant as hoeder en learaar yn har midden ûntfange wol en heechhâlde yn har/syn amt. Op dat stuit kin de gemeente har ynstimming bekrêftigje mei applaus of mei in oare foarm fan wolkomhjitten. De befêstiging kin ôfsletten wurde mei in lofsang.

*Lieding fan de tsjinst en fredegroet*

Dêrnei nimt de nije predikant de lieding fan de tsjinst oer. Alderearst wikselet er/hja mei de gemeente de fredegroet as teken fan oanfurdiging yn Kristus fan wjerskanten. Dan folget ôf de tsjinst fan de Skrift ôf it Miel fan de Hear, ôfhinklik fan it momint yn de tsjinst dat de befêstiging holden wurdt.

**Oarder foar de ferbyntenis fan in tsjinner fan it Wurd oan in twadde of folgjende gemeente of oan in oar tsjinstwurk**

De ferbyntenis fan in tsjinner fan it Wurd oan in oare gemeente is in minder unyk barren as de befêstiging yn it amt, dy't mar ien kear dien wurdt. De oarder is dêrom koarter en ienfâldiger. De ferbyntenis sil ornaris oan it begjin fan de tsjinst syn plak krije; dêrnei giet de oan de gemeente/it tsjinstwurk ferbûne predikant de gemeente foar yn de tsjinst fan de Skrift en it Miel fan de Hear of de tsjinst fan Skrift en Gebed. De struktuer fan de ferbyntenis is sa:

- presintaasje
- opdracht
- gelofte
- gebed om de Geast
- Gesang 237
- ferbyntenis
- oanfurdiging en fredegroet

*Presintaasje*

By de ferbyntenis fan in tsjinner fan it Wurd wurdt de wei dy't dêr oan foarôf gien is, ek út de gemeente wei tekene. De foarsitter fan de tsjerkeried freget oan de konsulint oft er de troch de gemeente beroppen predikant oan de gemeente ferbine wol. De konsulint ferwissiget him der by de foarsitter fan de tsjerkeried en de fertsjintwurdiger fan de klassis fan dat de predikant sûnder beswier oan de gemeente ferbûn wurde kin. Dy fêststelling wurdt troch de gemeente tankber meistimd.







### *Opdracht*

Neidat de te ferbinen tsjinner oan de gemeente presintearre is, lit de foargonger hearre hokker opdracht in tsjinner fan it Wurd hat. Omdat dy opdracht net feroare is, wurde deselde trije karteksten oanrikt as foar de befêstiging fan in tsjinner fan it Wurd.

Nei it foarlêzen fan de opdracht wurdt de kandidaat opropfen om syn/har tsjinstwurk mei blydskip op him/har te nimmen yn betrouwen op de krêft fan de hillige Geast.

### *Gelofte*

De te ferbinen predikant wurde de geloften dy't er/se by syn/har befêstiging yn it amt foar it libben ôflein hat yn it sin brocht. Dêrnei fernijt er/se de geloften dy't op dy nije perioade yn syn/har amtsbetsjinning rjochte binne.

By de befêstiging is de tsjinner foar ien kear en altyd frege nei datjinge wat by it amt op himsels heart: trou oan de Skrift, plicht ta geheimhâlding en reewilligens om de taak te folbringen neffens de oarder fan de tsjerke. Mei it each op it wurk yn dizze gemeente/dit tsjinstwurk wurdt him/har no frege nei syn/har persoanlike motivearring en ynset. It antwurd dêrop wurdt besletten mei in bea om help fan God.

### *Gebeden*

Lykas by de befêstiging yn it amt wurdt mei de hiele tsjerke bidden om de hillige Geast yn in konsintrearre stil gebed en mei de wurden fan de âlde hymne 'Kom, Skepper Geast'.

### *Ferbyntenis*

De wurden fan ferbyntenis wurde mei hânjaan befêstige.

### *Oanfurdiging en wolkomhjitten*

Nei oanfurdiging en wolkom fanwegen de gemeente (bekerfêtige troch applaus en/of in lofsang) nimt de oan de gemeente ferbûne predikant de lieding fan de tsjinst oer en wurdt de fredegroet wiksele, folge troch it gebed fan de snein/gebed om ferljochting met de hillige Geast.

### **Oarder foar it ôfskied fan in predikant**

Wannear't in predikant ôfskied fan in gemeente nimt, kin krekt foardat er/se de seine útsprekt in fertsjintwurdiger fan de klassis it wurd nimme. Dy bringt him/har oan de ein fan syn/





har tsjinstwurk syn/har gelofte by it ienris opnimmen fan dit amt yn it sin. De ôfskiedswurden binne:

Wy litte jo gean en sizze jo tank  
foar de oertsjûging, de ynset en de leafde  
dêr't jo hjiroanta jo tsjinstwurk  
yn de tsjerke fan Kristus mei folbrocht hawwe.

Foar de takomst wurdt de winsk útsprutsen, dat er/se trochgean mei om de tsjerke te tsjinjen mei de jeften fan holle en hert dy't him/har skonken binne yn in oare gemeente of oar tsjinstwurk ôf as it kin en der ferlet is, ek as emearitus.

De fertsjintwurdiger fan de klassis of in tsjerkeriedslid beslút mei in tankgebed en in lofprizing. Dêrnei sprekt de fuortgeande tsjinner fan it Wurd de seine út.

### **Oarder foar de befêstiging fan âlderlingen en diakens**

It amt fan âlderling of diaken is bûn oan ien beskate gemeente. Alderlingen en diakens wurde yn de gemeente dêr't se by hearre ien kear yn har amt befêstige, wol of net mei hânoplizzen. Foar harren jildt in amtstermyn fan fjouwer jier. Alderlingen en diakens dy't werkeazen binne en in nije amtsperioade yngeane, wurde net op 'e nij yn har amt befêstige. Allinnich as se in oar amt ferfolje sille of as se nei ferhuzing âlderling of diaken yn in oare gemeente wurde, wurde se op 'e nij yn it amt befêstige.

#### *Struktuer fan de befêstiging*

ôfskied ôfgeande amtsdragers  
presintaasje  
opdracht  
gelofte  
gebed om de Geast  
Gesang 237  
befêstigingsgebed (en hânoplizzen)  
oanfurdiging en fredegroet

#### *Underskate mooglikheden*

By de befêstiging fan âlderlingen en diakens kinne har ferskillende situaasjes foardwaan. Soks freget om in trochtochte regy. Ommers: it kin wêze dat der allinnich âlderlingen of allinnich diakens te befêstigjen binne. It kin ek wêze dat der âlderlingen en diakens te befêstigjen binne. Gauris sille der ek amtsdragers wêze dy't ôfskied nimme en/of har amt fuortsette of weropnimme.





De te befêstigjen âlderlingen en diakens sitte by it begjin fan de tsjinst middenmank de gemeente. De âlderlingen en diakens dy't ôfskied nimme, komme mei de tsjinstdwaande amtsdragers en de foargonger de tsjerke yn en nimme har plak yn de tsjerkeriedsbank yn. Wannear't fan harren ôfskied nommen is, geane se de tsjerkeriedsbank út en nimme har plak yn de gemeente yn. Wannear't de te befêstigjen amtsdragers oan de gemeente presintearre wurde, komme se út it fermidden fan de gemeente wei nei foaren ta en geane nei har befêstiging plak yn de tsjerkeriedsbank sitten.

De âlderlingen en diakens dy't har amt fuortsette, nimme by it begjin fan de tsjinst har plak yn de tsjerkeriedsbank yn en beânturdzje de oan harren stelde fragen steande, op har plak yn de tsjerkeriedsbank.

Befêstiging fan âlderlingen en diakens bart nei de tsjinst fan de Skrift. De befêstige âlderlingen en diakens kinne dêrnei meidwaan oan de tsjinst fan de gebeden en/of tsjinst dwaan oan de Tafel fan de Hear.

#### *Ofskied fan ôfgeande amtsdragers*

De tsjinst fan de befêstiging begjint mei it ôfskied fan de ôfgeande amtsdragers. De foargonger lit harren gean mei tank foar harren oertsjûging, ynset en leafde en bringt har it amtsgeheim yn it sin dat nei it ôfskied ek noch trochjildt. It ôfskied wurdt besletten mei in tankgebed en in lofsizzing of mei it sjongen fan Psalm 90:8 'Jou, dat ús 't wurk net út 'e hannen dijt, mar mei jo seine stjoer en fuortgong krijt'. Wannear't se har plak yn de gemeente ynnommen hawwe, kin elkenien sjen dat der yn de tsjerkeriedsbank plakken frijkommen binne.

#### *Presintaasje*

Dêrnei wurde de nije amtsdragers en de amtsdragers dy't werkeazen binne by de namme neamd. De nij te befêstigjen amtsdragers komme út de gemeente wei nei foaren ta, de werkeazen amtsdragers komme oerein yn de tsjerkeriedsbank. De foargonger freget oan de foarsitter fan de tsjerkeried oft der wettige beswieren tsjin har (wer)ferkiezing ynbrocht binne en stelt fêst dat se sûnder beswier befêstige wurde kinne. Dy fêststelling wurdt troch de gemeente tankber meistimd.

#### *Opdracht*

As de nije amtsdragers nei foaren ta kommen binne en de amtsdragers dy't har tsjinst weropnimme stean gien binne, wurdt





har de opdracht foarholden dy't âlderlingen en diakens yn de gemeente fan Kristus hawwe.

Foar de opdracht binne twa teksten jûn dêr't út keazen wurde kin. De earste jout in beskriuwing fan de taak fan âlderlingen en diakens. It is mooglik yn dy tekst stimwikseling oan te bringen: de foargonger lêst it earste part en de einwurden, in âlderling lêst it part oer de taak fan de âlderling en in diaken it part oer de taak fan de diaken.

De twadde tekst is in koarte ynlieding neffens luthersk gebrûk, op grûn fan teksten út de brieven fan Paulus en Petrus.

By einsluten wurde de amtsdragers opropen om har tsjinstwurk mei blydskip op har te nimmen, yn betrouwen op de krêft fan de hillige Geast.

*Gelofte by fuortsetten of weropnimmen fan it amt*

De âlderlingen en diakens dy't har tsjinst weropnimme is by de befêstiging yn it amt foar ien kear en altyd frege nei datjinge dat by it amt op himsels heart: trou oan de Skrift, plicht ta geheimhâlding en reewilligens om de taak te folbringen neffens de oarder fan de tsjerke. No't se har tsjinst fuortsette of weropnimme, wurdt har de gelofte dy't se doe dien hawwe yn it sin brocht en wurdt har frege nei har persoanlike motivearring en ynset foar de nije amtstermyn. Nei it antwurd komt der in bea om help fan God.

In seinewinsk, mei hânjaan bekrêftige, beslút dat ûnderdiel (sûnder hânoplizzen). Dêrnei geane dy amtsdragers wer sitten.

*Gelofte by befêstiging yn it amt*

De nij te befêstigen amtsdragers geane stean om de folsleine fragen te beântwurdzjen.

By befêstiging yn it amt wurdt frege nei de ropping, nei de boarne en regel fan it leauwe en nei de eigen hâlding: weardichheid en trou, leafde foar minsken, geheimhâlding yn it pastoraat en loyaliteit nei de tsjerke yn har gehiel. Yn dy fragen klinkt de tradysje fan ieuwen mei. Se bringe it eigene fan it amt yn de gemeente fan Kristus ta útdrukking.

De earste fraach set de ropping út namme fan God yn de ferkiezing troch de gemeente te plak. De twadde fraach oer de hillige Skrift as iennige regel fan it leauwe, ropt op ta ferset tsjin alles wat dêr stridich mei is, te ferlykjen mei it ôfwizen fan it kwea yn dooptsjinsten. De tredde fraach giet oer de wize fan amtsbetsjinning (weardich en trou), leafde foar de gemeente en foar alle minsken dy't op de wei fan de amtsdrager komme,





geheimhâlding en it jin bewegen binnen de oarder fan de tsjerke.

It ja-wurd op dy trije fragen wurdt besletten mei in bea om help fan God.

*Gebeden en hânoplizzen*

Nei de gelofte ropt de foargonger de gemeente op om yn mien-skip mei hiel de tsjerke foar de amtsdragers te bidden. Leafst knibbelje alle te befêstigjen amtsdragers, lykas by de befêstiging fan in tsjinner fan it Wurd. As it mienskiplik knibbeljen ûnder it hiele gebed (fan tanksizzing oant en mei de foarbea) beswierlik is, kinne de te befêstigjen amtsdragers nei de tanksizzing om bar nei foaren ta komme, om te knibbeljen en de hannen oplein te krijen.

Nei de oprop ta gebed konsintrearret elkenien him/har yn in stil gebed. Dêrnei kin in litany mei alle hilligen bidden wurde. By de (earste) befêstiging yn it amt mei grif heard wurde dat wy in wolk fan tsjûgen om ús hinne hawwe (ferl. Hebreëers 12:1). Nei it stil gebed en/of de litany folget it âlde gebed om de Geast: 'Kom skepper, Geast'.

Foar it eigentlike *befêstigingsgebed* wurde twa bewurdigen oanbean, dêr't út keazen wurde kin. Beide gebeden hawwe deselde opbou: tanksizzing – gebed om de Geast oer de amtsdragers (epiklese) ûnder hânoplizzen – foarbea.

It earste gebed, dat út de tsjerke fan Súd-Yndia komt, is opnommen om syn oekumenysk gehalte. Dat gebed hat aparte ferzjes foar âlderlingen en diakens, dêr't it eigene fan de amten yn trochklinkt: yn de ferzje foar diakens wurdt it stal fan de tsjinstfeint neamd. De ferzje foar âlderlingen liket in protte op dy foar de tsjinner fan it Wurd, mar harren taak spitsst him op 'e opbou fan de gemeente ta. Njonken dy twa aparte ferzjes is ek in ferzje opnommen foar de âlderlingen en diakens mei-inoar. Dy kin brûkt wurde as âlderlingen en diakens befêstige wurde. It hânoplizzen hat in biddende foarm, rjochte op de Heare God: 'Stjoer jo hillige Geast op N, meitsje *har/him âlderling/diak*en yn dizze gemeente om yn leafde nei de minsken om te sjen'. Dy lêste opdracht jildt foar alle amten. By de diakens wurdt deroan taheakke: 'en jo barmhertichheid stal te jaan', by de âlderlingen 'en jo gemeente te bouwen'.





It twadde gebed set yn by de roping ta tsjinst fan Mozes, Mirjam en Aäron, profeten en prysters. It hat by it hânoplizzen de winsklikheidsfoarm, rjochte op de te befêstigjen amtsdragers: 'Mei God, ús himelske Heit jim ferljochtsje troch syn hillige Geast'. De formulearring 'Mei Hy jim yn de betsjinning fan jim amt sà *regearje*' docht in berop op it regear fan de Geast. De amtsdragers wurde yn tsjinst nommen troch de Geast en har opdracht stiet en falt mei de reewilligens om harren liede te litten. Dat twadde befêstigingsgebed kin by de befêstiging fan âlderlingen òf diakens likegoed brûkt wurde as by de befêstiging fan âlderlingen en diakens mei-inoar. By dat gebed kin yn it gefal fan in grut tal amtsdragers ek keazen wurde foar in koartere formulearring by it hânoplizzen.

Dêr't gjin hannen oplein wurde, wurdt de befêstigingsformule mei hânjaan bekrêftige. Nei hânoplizzen (of hânjaan) folget in foarbea foar de amtsdragers dy't befêstige binne.

*Oanfurdiging, wolkomhjitten en fredegroet*

De gemeente wurdt frege om harren oan te nimmen as har nije âlderlingen en diakens en harren heech te hâlden yn har amt. It wolkomhjitten, dêr't bern in rol by spylje kinne, kin bekrêftige wurde mei applaus en/of in lofsang en mei it wikseljen fan de fredegroet. Dêrnei nimme de nije amtsdragers harren plak yn de tsjerkeriedsbank yn. As tsjinstdwaande amtsdragers kinne se no meidwaan oan de foarbea en/of tsjinst dwaan oan de Tafel fan de Hear.



Oarders  
foar de  
Befêstiging fan Amtsdragers





## Oarder foar de befêstiging fan in tsjinner fan it Wurd

*foargonger*

Yn dizze tsjinst sil N befêstige wurde as tsjinner fan it Wurd.

Wy dogge dat *nei/foar* de tsjinst fan de hillige Skrift.

**PRESINTAASJE**

*De tsjinstdwaande diaken noaget de kandidaat út om oerein te kommen en/of nei foaren ta te kommen.*

*De foarsitter fan de tsjerkeried sprekt de foargonger oan, seit dat de tsjerkeried dizze kandidaat beroppen hat, ljochtet dat mooglik noch ta en freget him/har de kandidaat yn it amt te befêstigen.*

*De foargonger freget oan de foarsitter fan de tsjerkeried en oan de fertsjintwurdiger fan de meardere gearkomste oft de kandidaat sûnder beswier befêstige wurde kin.*

*De foarsitter fan de tsjerkeried docht te witten dat de beroppingsproseduere op wettige wize en yn goede oarder ferrûn is en dat de gemeente der goed yn behelle is.*

*De fertsjintwurdiger fan de meardere gearkomste lêst (in part út) de brief foar, dêr't yn meidiel wurdt dat de kandidaat talitten is ta it amt fan tsjinner fan it Wurd yn de Protestantske Tsjerke yn Nederlân. Dat kin in brief wêze fan de tsjerklke gearkomste dy't it foech dêrta hat of in sitaat út it beslút dat dêrta nommen is. Yn alle gefallen wurdt dúdlik dat neffens de tsjerkoarder oan alle betingsten foar de befêstiging foldien is.*

*foargonger*

Dan stel ik fêst dat der gjin beswieren binne.

*Hja/hy* is weardich om befêstige te wurden yn it amt, dêr't de tsjerke fan Kristus *har/him* ta roppen hat.

Loovje wy de Hear.

**Wy tankje God.**







## OPDRACHT

*foargonger*

Gemeente, lit ús dan hearre en yn omtinken nimme  
wat de tsjerke oan in tsjinner fan it Wurd tabetroud hat.

Om de tsjerke fan Jezus Kristus  
by har ropping yn dizze wrâld te hâlden,  
binne har amtsdragers jûn,  
dy't dêrta ûntfongen hawwe  
de jeften fan de hillige Geast  
en de opdracht fan de gemeente.

Ien fan de amten dy't de tsjerke altyd ûnderhâldt,  
is dat fan tsjinner fan it Wurd.  
Dejingen dy't mei dat amt beklaaid wurde,  
arbeidzje mei de oare amtsdragers op  
en sille tsjinstber en pastoraal omgean  
mei de keppel dy't harren tabetroud wurdt.

Hja sille it Wurd fan God ferkundigje,  
de ferjouwing fan de sûnden oansizze  
en foar de fersprieding fan it evangelje riede,  
lykas de apostels as earsten  
dy opdracht fan de Hear krigen hawwe.  
Hja sille de doop betsjinje  
en ûnderrjocht oangeande it leauwe jaan.  
Hja sille foargean  
by de fiering fan it Miel fan de Hear.  
Mei de gemeente sille se  
op de grutte Dei fan God talibje,  
mei't se har op it hert drage en seinigje  
en lieding oan har bidden jouwe.  
Hja sille har ûnderrjochtsje en bemoedigje  
mei wurd en wannel  
en, like barmhertich as beret, har hillichheid hoedzje.  
Sike minsken sille se treastgje en dy't stjerre bystean.  
Koartsein sille se, mei de goede Hoeder foar eagen,  
de gemeente dêr't se oan ferbûn binne,  
mei leafde begeliede,  
dat dy yn dizze wrâld stal jaan kin  
oan har ropping om fan it heil te tsjûgjen.

*Ex 28:29*

*Karteksten 8-9*





*foargonger*

En jo N, dy't no ree steane om jo amtswurk op jo te nimmen  
bring josels altyd mei tankberens yn it sin  
dat it de keppel fan Kristus sels is  
dy't jo tabetroud wurdt.

Hy hat har sines makke troch syn bloed: *Hann 20:28*  
it is syn tsjerke.

Oanfurdigje jo tsjinst no mei blydskip,  
sêdzje josels mei it Wurd fan God,  
hâld hoek yn it bidden  
en betrou op de krêft fan de hillige Geast.

GELOFTE

*De te befêstigjen tsjinner giet foar de knibbelbank stean.*

*foargonger*

Dêrom freegje ik jo, beminde *suster/broer*:  
Leauwe jo dat jo yn jo beroppen troch dizze gemeente  
troch God sels ta dizze tsjinst roppen binne?

*kandidaat*

Ja, dat leau ik.



*foargonger*

Oanfurdigje jo de hillige Skrift  
as de boarne fan de ferkundiging  
en as iennige regel fan it leauwe  
en wolle jo jo fersetste tsjin alles wat dêr stridich mei is?

*kandidaat*

Ja, dat wol ik.



*foargonger*

Unthjitte jo om jo amt weardich en trou te betsjinjen  
mei leafde foar de gemeente  
en foar alle minsken dy't de Hear op jo wei bringt,  
ûnthjitte jo om geheim te hâlden  
wat jo yn betrouwen te witten jûn is,  
en ûnthjitte jo om jo taak te folbringen  
neffens de oarder fan ús tsjerke?

*kandidaat*

Ja, dat ûnthjit ik.  
Mei God my dêrby helpe.





## GEBEDEN

*foargonger*

Bruorren en susters,  
 lit ús bidde ta de almachtige God  
 yn mienskip mei de hiele Tsjerke  
 yn de himel en op de ierde,  
 dat Er syn genede jout oan *har/him*  
 dy't Er ropt as tsjinner fan it Wurd.

*De te befestigjen tsjinner knibbelet.*

## STIL GEBED

[LITANY]

*Lietesuggestjes siden 305-307*

LIET

Veni Creator Spiritus

*Lietesuggestjes siden 305-307*

## BEFESTIGINGSGEBED

*Earste foarm*

*foargonger*

Heare, ús God,  
 wy seinigje Jo,  
 dat Jo yn jo goedens in folk keazen hawwe,  
 jo ta in eigendom,  
 in keninklik prysterskip,  
 om jo grutte dieden te ferkundigjen.

*1 Petr 2:9*

Wy priizgje Jo

dat Jo jo iennige Soan, Jezus Kristus, jûn hawwe  
 ta apostel en hegepryster fan ús leauwe  
 en ta hoeder en opsjenner oer jo keppel.

*Hebr 3:1*

*1 Petr 2:25*

Wy priizgje Jo

dat Hy yn syn dea de dea oerwûn  
 en dat Er, opfearn nei de himel,  
 jeften joech oan de minsken:

*Ef 4:11-12*

apostels en profeten, evangelisten,  
 hoeders en learaars;

âldsten en opsjenners,

*Hann 20:28*

mei jeften om te tsjinjen en lieding te jaan  
 ta opbou fan syn lichem, de tsjerke.

*Rom 12:7-8*

*Oarder befestiging tsjinner fan it Wurd*

245





Wy tankje jo,  
 dat Jo *N* roppen hawwe  
 ta it amt fan tsjinner fan it Wurd  
 en dat wy *har/him* hjoed  
 yn jo namme  
 en hearrich oan jo wil  
 yn *har/syn* tsjinst  
 befêstigje meie.  
 En wy freegje Jo deemoedich:

*De befêstiger leit har/him de beide hannen op.*

Stjoer no op jo tsjinner *N* jo hillige Geast,  
 de Geast dy't Jo troch jo Soan  
 oan de apostels skonken hawwe  
 om yn leafde nei de minsken om te sjen,  
 jo Wurd te betsjinjen  
 en jo gemeente te bewarjen by har ropping.

*1 Joh 1:1-4*

**Amen.**

*Oare bywêzige tsjinnern fan it Wurd lizze de sakrekte befêstige  
 tsjinner de hannen op.*



*foargonger*

Wês *har/him* genedich, God, sa bidde wy ynmoedich,  
 dat *se/er* in hearrige tsjûge  
 fan it evangelje wêze sil,  
 in teken fan ienheid yn jo tsjerke,  
 in opsjenner oer jo keppel, wach en fol leafde,  
 in folgeling fan de goede Hoeder  
 dy't syn libben joech foar de skiep.  
 Stel *har/him* by steat om *har/syn* tsjinstwurk sa te dwaan  
 dat it goed is yn jo eagen.  
 Meitsje *har/him* stânfêst oan de ein ta,  
 oant *se/er*, mei al jo tsjinnern,  
 yn it ivige ljocht jo antlit oanskôgje mei  
 troch ús Hear, Jezus Kristus, jo Soan,  
 dy't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast,  
 libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**





*Twadde foarm*

*foargonger*

Seinige binne Jo, Heare, ús God,  
 dy't Israel út Egypte befrijd hawwe  
 en útlaat troch de tsjinst fan Mozes, Mirjam en Aäron.  
 Jo dy't jo folk  
 profeten, prysters en keningen jûn hawwe,  
 minsken roppen ta jo tsjinst,  
 salve mei jo Geast.

Seinige binne Jo, Heare, ús God,  
 dy't jo Soan stjoerd hawwe,  
 Jezus Messias,  
 dy't kaam om te tsjinjen  
 en minsken roppen hat,  
 om yn syn namme inoar by te stean en de wei te wizen.

Jo binne it, dy't hjoed jo gemeente  
 in tsjinner skinke  
 om har foar te gean  
 yn ferkundiging en fiering,  
 om har te learen en te lieden  
 en sa jo folk ta te rissen  
 ta goede wurden en wurken.

*De befêstiger leit har/him de beide hannen op.*

Mei God, ús Heit yn de himel,  
 dy't jo roppen hat ta dizze hillige tsjinst,  
 jo ferljochtsje troch syn Geast  
 en jo sterkje troch syn hân;  
 Mei Hy jo yn de betsjinning fan jo amt sâ regearje,  
 dat jo dêr trou en fruchtber yn wannelje  
 ta gloarje fan syn Namme  
 en ta fersprieding fan it Ryk  
 fan syn Soan Jezus Kristus.

**Amen.**

*Oare bywêzige tsjinnern fan it Wurd lizze de sakrekt befêstige  
 tsjinner de hannen op.*

*foargonger*

Wy bidde Jo: jou *har/him*  
 dy't yn *har/syn* amt befêstige is,





dat *se/er* hearrich oan jo ropstim  
 en yn betrouwen op jo beloften  
 frijmoedich jo wurd sprekke sil  
 ta care fan jo Namme,  
 ta freugde fan ús allegearre,  
 troch ús Hear, Jezus Kristus, jo Soan,  
 dy't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast,  
 libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

[BEKLAAIEN MEI DE STOLA]

*De befêstige tsjinner giet stean. In diaken kin de stola yn de  
 kleur fan de befêstiging (read) of de kleur fan de dei oanrikke.*

Untfang dizze stola  
 en folbring jo tsjinst trou,  
 yn omtinken oan it wurd fan de Hear:  
 'Nim myn jok op de skouders en lear fan My,  
 want myn jok draacht maklik en myn lêst is licht.'

*Mt 11:29a-30*

OANFURDIGING EN WOLKOM

*Elkenien stiet.*

*befêstiger*

Gemeente, dit is jim predikant.  
 Wolle jimme *N* as hoeder en learaar yn jim fermidden  
 ûntfange  
 en *har/him* heechhâlde yn *har/syn* amt?

**Ja, dat wolle wy fan herten.**

*De gemeente kin har ynstimming bekrêftigje mei applaus.  
 Bern fan de gemeente kinne de nij-befêstige tsjinner wolkom  
 hjitte.  
 In lofprizing kin songen wurde.*

FREDEGROET

*De nij-befêstige tsjinner nimt de lieding fan de tsjinst oer.*

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

Winskje inoar de frede.

*De nij-befêstige tsjinner bringt de gemeente de fredegroet. De  
 gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*





# Oarder foar de ferbyntenis fan in tsjinner fan it Wurd oan in twadde of oare gemeente of oan in oar tsjinstwurk

## *foargonger*

Yn dizze tsjinst sil *N* as tsjinner fan it Wurd ferbûn wurde  
oan *dizze gemeente/oan it tsjinstwurk fan ...*  
Wy dogge dat *nei/foar* de tsjinst fan de hillige Skrift.

## PRESINTAASJE

*De tsjinstdwaande diaken noaget de beroppen tsjinner fan it  
Wurd út om oerein te kommen en/of nei foaren ta te kommen.*

*De foarsitter fan de tsjerkeried sprekt de konsulint oan, seit dat  
de tsjerkeried dizze tsjinner fan it Wurd beroppen hat, ljochtet  
dat mooglik noch ta en freget har/him*

*... (namme fan de beroppen tsjinner fan it Wurd),*

*op ... (datum) befêstige as tsjinner fan it Wurd*

*te ... (plak) (eventueel dêrnei tsjinner fan it Wurd te ... (plak))*

*te ferbinen oan de gemeente fan*

*... (plak) / oan har/syn tsjinstwurk as ...*

*De konsulint sprekt de foarsitter fan de tsjerkeried en de  
fertsjintwurdiger fan de meardere gearkomste oan en freget oft  
de beroppingsproseduere sûnder beswier ferrûn is.*

*De foarsitter fan de tsjerkeried en de fertsjintwurdiger fan de  
meardere gearkomste dogge te witten dat de beroppingsprose-  
duere op wettige wize en yn goede oarder ferrûn is en dat de  
gemeente dêr yn behelle is sa't it heart.*

## *foargonger*

Dan stel ik fêst dat der gjin beswieren binne.

Wy meie *har/him* ferbine

oan *dizze gemeente/dit tsjinstwurk,*

dêr't de tsjerke fan Kristus *har/him* ta roppen hat.

Loovje wy de Hear.

**Wy tankje God.**





## OPDRACHT

*foargonger*

Gemeente, lit ús dan hearre en yn omtinken nimme  
wat de tsjerke oan in tsjinner fan it Wurd tabetroud hat.

Om de tsjerke fan Jezus Kristus  
by har ropping yn dizze wrâld te hâlden,  
binne har amtsdragers jûn,  
dy't dêrta ûntfongen hawwe  
de jeften fan de hillige Geast  
en de opdracht fan de gemeente.

Ien fan de amten dy't de tsjerke altyd ûnderhâldt,  
is dat fan tsjinner fan it Wurd.  
Dejingen dy't mei dat amt beklaaid wurde,  
arbeidje mei de oare amtsdragers op  
en sille tsjinstber en pastoraal omgean  
mei de keppel dy't harren tabetroud wurdt.

Hja sille it Wurd fan God ferkundigje,  
de ferjouwing fan de sûnden oansizze  
en foar de fersprieding fan it evangeelje riede,  
lykas de apostels as earsten  
dy opdracht fan de Hear krigen hawwe.

Hja sille de doop betsjinje  
en ûnderrjocht oangeande it leauwe jaan.

Hja sille foargean

by de fiering fan it Miel fan de Hear.

Mei de gemeente sille se talibje  
op de grutte Dei fan God,

mei't se har op it hert drage en seinigje  
en lieding oan har bidden jouwe.

*Ex 28:29*

Hja sille har ûnderrjochtsje en bemoedigje  
mei wurd en wannel

en, like barmhertich as beret, har hillichheid hoedzje.

Sike minsken sille se treastgje en dy't stjerre bystean.

Koartsein sille se, mei de goede Hoeder foar eagen,

de gemeente dêr't se oan ferbûn binne,

mei leafde begeliede,

dat dy yn dizze wrâld stal jaan kin

oan har ropping om fan it heil te tsjûgjen.

*Karteksten 8-9*

*foargonger*







En jo N, dy't no ree steane om jo amtswurk  
op dit plak op jo te nimmen:  
bring josels altyd mei tankberens yn it sin  
dat it de keppel fan Kristus sels is  
dy't jo tabetroud wurdt.  
Hy hat har sines makke troch syn bloed:  
it is syn tsjerke.

*Hann 20:28*

Oanfurdigje jo tsjinst no mei blydskip,  
sêdzje josels mei it Wurd fan God,  
hâld hoek yn it bidden  
en betrou op de krêft fan de hillige Geast.

**GELOFTE**

*De beroppen tsjinner komt nei foaren ta.*

*foargonger*

Ienris binne jo yn it amt  
fan tsjinner fan it Wurd befêstige.  
Dêrby hawwe jo útsprutsen,  
dat jo de hillige Skrift oanfurdigje  
as de boarne fan de ferkundiging  
en as iennige regel fan it leauwe  
en dat jo jo fersette wolle tsjin alles wat dêrmei yn striid is.  
Jo hawwe ûnthjitten om geheim te hâlden  
wat jo yn betrouwen te witten jûn is  
en om jo taak te folbringen  
neffens de oarder fan ús tsjerke.

No't jo jo amtsbetsjinning yn de gemeente *te ... / as ...*  
fuortsette sille, freegje ik jo:

Leauwe jo dat jo yn jo beropping troch dizze gemeente  
troch God sels ta dizze tsjinst roppen binne?

*beroppen tsjinner*

Ja, dat leau ik.

*foargonger*

En ûnthjitte jo om jo amt ek op dit plak  
weardich en trou te betsjinjen  
mei leafde foar de gemeente  
en foar alle minsken dy't de Hear op jo paad bringt?

*beroppen tsjinner*

Ja, dat ûnthjit ik.  
Mei God my dêrby helpe.





*foargonger*

Bruorren en susters,  
lit ús bidde ta de almachtige God  
yn de mienskip met de hiele Tsjerke  
yn de himel en op de ierde,  
dat Er syn genede jout oan *har/him*  
dy't Er roppen hat as tsjinner fan it Wurd.

STIL GEBED

LIET

Veni Creator Spiritus

*Lietesuggestjes siden 305-307*

FERBYNTENIS

*foargonger*

Mei God, ús Heit yn de himel,  
dy't jo nei dit plak ta roppen hat,  
jo oan *dizze gemeente/oan dit tsjinstwurk* ferbine  
en jo de genede jaan,  
dat jo dêr trou en fruchtber yn arbeidzje.

*De foargonger bekrêftiget dy wurden mei hânjaan.*

OANFURDIGING EN WOLKOM

*Elkenten stiet*

*foargonger*

Gemeente, dit is jim predikant.  
Wolle jim *N* as hoeder en learaar yn jim fermidden ûntfange  
en *har/him* heechhâlde yn *har/syn* amt?  
**Ja, dat wolle wy fan herten.**

*De gemeente kin har ynstimming bekrêftigje mei applaus.  
Bern fan de gemeente kinne de nij-ferbûne tsjinner wolkom hjitte.  
In lofprizing kin songen wurde.*

FREDEGROET

*De nij-ferbûne tsjinner nimt de lieding fan de tsjinst oer.*

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

*Winskje inoar de frede.*

*De nij-ferbûne tsjinner bringt de gemeente de fredegroet. De  
gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*



# Oarder foar it ôfskied fan in tsjinner fan it Wurd

*De tsjinner fan it Wurd dy't ôfskied nimt, giet oerein.*

*konsulint*

Beminde suster/broer,  
hjoed hâldt jo tsjinstwurk  
as *tsjinner fan it Wurd te N/as* (namme fan opdracht,  
*algemien of bysûnder wurk*) op.  
Ienris binne jo yn it amt  
fan tsjinner fan it Wurd befêstige.  
Dêrby hawwe jo útsprutsen  
dat jo de hillige Skrift oanfurdigje  
as de boarne fan de ferkundiging  
en as iennige regel fan it leauwe  
en dat jo jo fersette wolle tsjin alles wat dêrmei yn striid is.  
Jo hawwe ûnthjitten om geheim te hâlden  
wat jo yn betrouwen te witten jûn is  
en om jo taak te folbringen  
neffens de oarder fan ús tsjerke.

*by ôfreis nei in oare gemeente of tsjinstwurk*

Wy litte jo gean en sizze jo tank  
foar de oertsjûging, de ynset en de leafde  
dêr't jo oant no ta  
jo tsjinstwurk yn de tsjerke fan Kristus mei folbrocht hawwe.  
Wy hoopje dat jo ek yn jo nije *gemeente/tsjinstwurk*  
de tsjerke trochtsjinje bliuwe meie  
mei de jeften fan holle en hert dy't jo skonken binne.

*of (by emeritaat)*

Wy litte jo gean en sizze jo tank  
foar de oertsjûging, de ynset en de leafde  
dêr't jo oan no ta  
jo tsjinstwurk yn de tsjerke fan Kristus mei folbrocht  
hawwe.  
Wy hoopje dat jo, as it mooglik is en nedich,  
de tsjerke trochtsjinje sille  
mei de jeften fan holle en hert dy't jo skonken binne.

*konsulint*

Lit ús bidde.

*...gebedsstilte ...*

It jout foech, HEARE God, om Jo tank te sizzen  
foar de tawijing fan dizze tsjinner fan it Wurd,  
dy't ôfskied nimt fan *dizze gemeente/dit tsjinstwurk*.

Foar *har/syn* stânfêstens en trou  
priizgje wy Jo, Boarne fan al it goede.

Befêstigje it wurk fan ús hannen,  
ja, it wurk fan ús hannen, befêstigje dat.

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket  
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
as wy bidde of betinke,

oan Jo de hearlikheid

yn de gemeente en yn Kristus Jezus,

oant yn alle geslachten,

fan ivichheid ta ivichheid.

**Amen.**

*De tsjinner fan it Wurd dy't ôfskied nimt sprekt de seine út.*



# Oarder foar de befêstiging fan diakens en âlderlingen

## Ofskied fan ôfgeande amtsdraggers

*foargonger*

Fan guon fan ús amtsdraggers  
is de amtstermyn om,  
nammentlik fan de *susters/bruorren* âlderlingen *N*  
en fan de *susters/bruorren* diakens *N*.

*De ôfgeande amtsdraggers komme oerein.*

*foargonger*

Beminde bruorren en susters,  
wy litte jimme gean en sizze jimme tank  
foar de oertsjûging, de ynset en de leafde  
dêr't jimme jim tsjinst yn de tsjerke fan Kristus mei  
folbrocht hawwe.

Wat bliuwt, is de bining mei it amt,  
dêr't alles wat jim yn betrouwen te witten jûn is  
yn bewarre bliuwe sil, ek nei jim ôfskied.

*De gemeente sjongt psalm 90 fers 8 of de foargonger bidt*

It jout foech, HEARE God, om Jo tank te sizzen  
foar de tawijing fan dejingen  
dy't no harren amt dellizze.  
Foar harren stânfêstens en trou  
priizgje wy Jo, Boarne fan al it goede.  
Befêstigje it wurk fan ús hannen,  
ja, it wurk fan ús hannen, befêstigje dat.  
God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket  
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
as wy bidde of betinke,  
oan Jo de hearlikheid  
yn de gemeente en yn Kristus Jezus,  
oant yn alle geslachten,  
fan ivichheid ta ivichheid.

**Amen.**

*De ôfgeande amtsdraggers geane sitten.*





## Presintaasje fan oankommende amtsdraggers

*In fertsjintwurdiger fan de tsjerkeried giet oerein en noeget de oankommende amtsdraggers út om nei foaren ta te kommen. Hja geane foar de foargonger oer stean.*

*De fertsjintwurdiger fan de tsjerkeried of de foargonger*

Gemeente, oant twa kear hat de tsjerkeried  
jimme de nammen bekend makke  
fan dejingen dy't befêstige wurde sille  
yn it amt fan âlderling of diaken.  
It binne as âlderlingen de *susters/bruorren N*  
en as diakens de *susters/bruorren N*.

*De foargonger freget oft de oankommende amtsdraggers sûnder beswier befêstige wurde kinne. De fertsjintwurdiger fan de tsjerkeried antwurdet dat gjin wettige beswieren ynbrocht binne.*

*foargonger*

Dan stel ik fêst dat der gjin beswieren binne.  
*Hja/hy is/binne* dus weardich,  
om yn it amt befêstige te wurden,  
dêr't de tsjerke fan Kristus *har/him* ta roppen hat.  
Loovje wy de Hear.  
**Wy tankje God.**

OPDRACHT

*foargonger*

Gemeente, lit ús dan hearre en yn omtinken nimme, wat de tsjerke oan âlderlingen en diakens tabetroud hat.

Yn it gearbringen en ûnderhâlden fan syn tsjerke  
brúkt ús Hear Jezus Kristus de tsjinst fan minsken,  
oan wa't Er yn de gemeente  
in bysûndere taak tabetroud hat.

Harren amtswurk hat as doel om de leauwigen ta te rissen  
foar it tsjûgjen en it tsjinstwurk yn de wrâld  
en om it lichem fan Kristus op te bouwen. *Ef 4:12*

Hja meie dat wurk dwaan,  
mei it each op Him,  
dy't net kommen is om betsjinne te wurden,  
mar om te tsjinjen. *Mk 10:45*





*De neikommende alinea wurdt oerslein as gjin diakens befêstige wurde.*

Dy tsjinstberheid yn de namme fan Kristus  
 kriget dúdlik stal yn it amt fan de diakens.  
 Fanâlds hawwe hja de taak om de tafels sà te betsjinjen,  
 rekkenjende mei it Wurd fan God, *Hann 6:2*  
 dat dy't ferlet hawwe net beskamme wurde. *1 Kor 11:22*  
 Hja sammelje de jeften fan de gemeente yn  
 om minsken, dy't holpen wurde moatte  
 – yn of bûten de tsjerke, tichteby of om fierrens –  
 meidiele te litten yn de leafde fan Kristus.  
 Yn bea en yn died komme se op  
 foar it rjocht fan de earne, dy't om help ropt,  
 de fersleine en dy't gjin helper hat. *Ps 72:12*  
 Sa sille se har der foar ynsette  
 dat earne en riken inoar yn 'e mjitte komme,  
 want de HEARE is de Skepper fan beide. *Spr 22:2*  
 Dy ferbûnens mei alle minsken  
 en mei de hiele skepping  
 bringe se ús hieltyd wer yn it sin,  
 as hja brea en beker by ús omgean litte  
 en wy de dea fan de Hear ferkundigje,  
 oant Er komt. *1 Kor 11:26*



*De neikommende alinea wurdt oerslein as der gjin âlderlingen befêstige wurde.*

(In oar amt is dat fan âlderling.)  
 Lykas de âldsten yn Israel  
 it folk fertsjintwurdigen *Ex 24:9*  
 en tagelyk tafersjoch hiene  
 oer de gemeente fan God,  
 sa wurde yn de tsjerke fan Kristus  
 de âlderlingen oansteld  
 om de gemeente by har ropping te hâlden:  
 in keninkryk fan prysters te wêzen  
 en in hillich folk. *Ex 19:6*  
 As minsken dy't betroud binne  
 en as gewisse fan de gemeente yn dizze tiid  
 bemoedigje se harren bruorren en susters  
 yn it neifolgjen fan Kristus ús Hear.  
 Hoe soene wy in libbene gemeente wêze,





as der gjin minsken opsocht waarden,  
 samar, sûnder dat der wat foaroer stie?  
 En hoe soene de predikanten  
 de opdracht fan de Goede Hoeder:  
 'Weidzje myn lamkes!  
 folbringe kinne,  
 as se dêrby net op de meiwurking  
 fan âlderlingen rekkenje mochten?

*Joh 21:16*

Alle amtsdragers mei-inoar hawwe  
 de ferantwurdlikheid as ried fan de tsjerke  
 om de gemeente en elkoar  
 yn it fieren, it learen en it tsjinjen  
 by de geheimen fan it heil te bewarjen:  
 alderearst sette wy ommers it sin  
 op it Keninkryk fan God en op wat Hy wol.

*Mt 6:33*

*of*

De apostel Paulus skriuwt:  
 'Der is wol ferskaat fan jeften,  
 mar it is deselde Geast dy't se jout.  
 Der is ek ferskaat fan tsjinsten,  
 mar it is deselde Hear, dy't jin dêrta oanwiist.  
 En der is ferskaat fan wurkingen,  
 mar it is deselde God,  
 dy't alles yn allegearre wurket.'  
 En de apostel Petrus seit:  
 'Tsjinje elkoar,  
 in elk nei de jefte dy't er krige hat,  
 as goede rintmasters  
 fan Gods mannichfâldige genede.'

*1 Kor 12:4-6*

*1 Petr 4:10*

Sa wurde yn de gemeente fan Jezus Kristus  
 minsken roppen ta it amt  
 fan âlderling en diaken,  
 om yn oparbeidzjen mei de predikanten  
 dy tsjinstberheid te befoarderjen  
 en dat rintmasterskip stal te jaan  
 ta heil fan allegearre  
 en ta eare fan de iene en seinige Namme.







*foargonger*

En jimme bruorren en susters, dy't ree steane  
om it amtswurk te oanfurdigjen:  
bring jim altyd mei tankberens yn it sin,  
dat it Kristus syn eigen keppel is,  
dy't jim tabetrouwd wurdt.  
Hy hat har sines makke troch syn bloed;  
it is syn tsjerke.

*Hann 20:28*

Oanfurdigje dan jim tsjinst mei blydskip,  
sêdzje jimsels mei it Wurd fan God,  
hâld hoek yn it bidden  
en betrou op de krêft fan de hillige Geast.



## Gelofte en ferbyntenis fan amtsdragers dy't harren tsjinst fuortsette of ferfetsje

*De amtsdragers dy't harren wurk fuortsette of ferfetsje sille,  
komme oerein.*

*foargonger*

Ienris binne jimme yn it amt fan âlderling of diaken  
yn dizze gemeente befêstige.  
Dêrby hawwe jimme útsprutsen,  
dat jimme de hillige Skrift oanfurdigje  
as iennige regel fan it leauwe  
en dat jimme jim fersetten wolle tsjin alles wat dêr stridich  
mei is.  
Jimme hawwe ûnthjitten om geheim te hâlden  
wat jimme yn betrouwen te witten jûn is  
en om jim taak te folbringen  
neffens de oarder fan ús tsjerke.

No't jimme jim amtswurk fuortsette of ferfetsje sille,  
freegje ik jimme dêrom:

Leauwe jimme dat jimme yn jim ferkiezing troch dizze  
gemeente troch God sels ta dizze tsjinst roppen binne?

En ûnthjitte jimme om jim amt weardich en trou te betsjinjen  
mei leafde foar de gemeente  
en foar alle minsken dy't de Heare op jim paad bringt?





Wat is jo antwurd dêrop, âlderling N/diakon N?  
 âlderling/diakon

Ja. Mei God my dêrby helpe.

**Foargonger**

Mei God, ús Heit yn de himel,  
 dy't jimme ta dit amtswurk roppen hat, jim de genede jaan,  
 dat jim dêr ek tenei trou en fruchtber  
 yn arbeidzje.

**Amen.**

*De foargonger bekrêftiget dy wurden mei hânjaan.  
 De amtsdraggers geane sitten.*

Gelofte en befêstiging fan amtsdraggers  
 dy't foar it earst komme

*De nij te befêstigjen amtsdraggers komme oerein.*

*foargonger*

Beminde suster/broer/susters/broerren,  
 jim dy't no foar it earst roppen wurde  
 ta it amt fan âlderling of diakon yn dizze gemeente:

Leauwe jimme dat jimme yn jim ferkiezing troch dizze  
 gemeente  
 troch God sels ta dizze tsjinst roppen binne?

Oanfurdigje jimme de hillige Skrift  
 as iennige regel fan it leauwe  
 en wolle jimme jim fersette tsjin alles wat dêr stridich mei  
 is?

Ûnthjtte jimme om jim amt weardich en trou te betsjinjen  
 mei leafde foar de gemeente  
 en foar alle minsken dy't de Hear op jim wei bringt,  
 ûnthjtte jimme om geheim te hâlden  
 wat jimme yn betrouwen te witten jûn is,  
 en ûnthjtte jimme om jim taak te folbringen  
 neffens de oarder fan ús tsjerke?

Wat is jo antwurd dêrop, suster N/broer N?





*te befêstigjen amtsdrager*  
Ja. Mei God my dêrby helpe.

GEBEDEN  
*foargonger*

Bruorren en susters,  
lit ús bidde ta de almachtige God  
yn de mienskip mei de hiele Tsjerke  
yn de himel en op de ierde,  
dat Er syn genede jout oan *har/him/harren*  
dy't Er ropt as âlderling of diaken.

*De te befêstigjen amtsdragers knibbelje.*

STIL GEBED

[LITANY]

*Lietesuggestjes siden 305-307*

LIET

Veni Creator Spiritus

*Lietesuggestjes siden 305-307*

BEFESTIGINGSGEBED



*Earste foarm*



*foar diakens*

Heare ús God,  
wy seinigje Jo,  
dat Jo yn jo goedens  
jo Soan Jezus Kristus stjoerd hawwe,  
om it stal fan in tsjinstfeint oan te nimmen,  
himsels te fernederjen  
en hearrich te wurden  
oant yn de dea, de dea oan it krús. *Fil 2:7-8*

Wy priizgje Jo,  
dat Jo him op it alderheechste plak set hawwe  
en him de namme skonken dy't boppe alle oare útgiet. *Fil 2:9*  
Troch him hawwe Jo ús leard,  
dat wa't grut wêze wol  
oaren tsjinje moat *Mk 10:43*  
en dat der gjin gruttere jefte is  
as de jefte fan it tsjinjen. *Rom 12:7*





Wy tankje Jo,  
 dat Jo *N* roppen hawwe  
 ta it amt fan diaken  
 en dat wy *har/him/harren* hjoed  
 yn jo namme en hearrich oan jo wil  
 befêstigje meie yn dizze tsjinst  
 en wy freegje Jo deemoedich:

*De foargonger leit no de diakens ien foar ien de hannen op.*

*by elk foar oar*

Stjoer no jo hillige Geast op *N*  
 en meitsje *har/him* diaken yn dizze gemeente  
 dat *se/er* yn leafde omsjocht nei de minsken  
 en jo barmhertichheid stal jout.

**Amen.**

*Wannear't de foargonger alle diakens de hannen oplein hat*

Jou harren de genede, bidde wy,  
 om trou te wêzen oan har ûnthjit  
 en stânfêst yn har tsjinstwurk.  
 Dat se yn de wissichheid fan it leauwe  
 oerfloedich wêze sille yn de hope,  
 woartele yn de leafde fan jo Soan,  
 Jezus Kristus, oan wa't takomt  
 mei Jo en de hillige Geast  
 de eare en de gloarje  
 yn alle ivichheid.

**Amen.**

*foar âlderlingen*

Heare, ús God,  
 wy seinigje Jo  
 dat Jo yn jo goedens in folk keazen hawwe,  
 Jo ta in eigendom,  
 in keninklik prysterskip,  
 om jo grutte dieden te ferkundigjen.

*1 Petr 2:9*

Wy priizgje Jo dat Jo ús jo Soan jûn hawwe  
 ta hoeder en opsjenner fan jo keppel.  
 Wy priizgje Jo  
 dat Hy yn syn dea de dea oerwûn hat  
 en dat Hy, opfearn nei de himel,

*1 Petr 2:25*





*jeften joech oan de minsken:*  
 apostels, profeten, evangelisten,  
 âldsten en opsjenners,  
 mei jeften om te treastgjen,  
 te fermoanjen en lieding te jaan  
 ta opbou fan syn lichem, de tsjerke.  
 Sa jouwe Jo ús âlderlingen,  
 roppen út it fermidden fan jo folk,  
 om jo gemeente te bouwen en te tsjinjen.

*Ef 4:11  
 Hann 20:17, 28*

*Rom 12:7,8*

*Ex 18, Num 11*

Wy tankje Jo dat Jo *N* roppen hawwe  
 ta it amt fan âlderling  
 en dat wy *har/him* hjoed  
 yn jo namme en  
 hearrich oan jo wil  
 befêstigje meie yn dizze tsjinst  
 en wy freegje Jo deemoedich:

*De foargonger leit no de âlderlingen ien foar ien de hannen op.*

*by elk foar oar*

Stjoer no jo hillige Geast op *N*,  
 meitsje *har/him* âlderling yn dizze gemeente  
 dat *se/er* yn leafde omsjocht nei de minsken  
 en jo gemeente bout.

**Amen.**

*Wannear't de foargonger alle âlderlingen de hannen oplein hat*

Jou harren de genede, bidde wy,  
 om trou te wêzen oan har ûnthjit  
 en stânfêst yn har tsjinstwurk  
 troch ús Hear, Jezus Kristus, Jo Soan,  
 dy't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast  
 libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

*of (foar âlderlingen en diakens)*

Hear ús God,  
 wy seinigje Jo,  
 dat Jo yn jo goedens in folk keazen hawwe,  
 Jo ta in eigendom,  
 in keninklik prysterskip,  
 om jo grutte dieden te ferkundigjen.

*1 Petr 2:9*





Wy seinigje Jo,  
 dat Jo yn jo goedens  
 jo Soan Jezus Kristus stjoerd hawwe,  
 om it stal fan in tsjinstfeint oan te nimmen,  
 himsels te fernederjen  
 en hearrich te wurden  
 oant yn de dea, de dea oan it krús.

*Fil 2:7-8*

Wy priizgje Jo,  
 dat Jo him op it alderheechste plak set hawwe  
 en him de namme skonken dy't boppe alle oare útgiet.

*Fil 2:9*

Wy priizgje Jo,  
 dat Hy, opfearn nei de himel,  
 jeften joech oan de minsken:  
 apostels, profeten, evangelisten,  
 opsjenners en diakens,  
 manlju en froulju,  
 mei jeften om te tsjinjen en te treastgjen,  
 te fermoanjen en lieding te jaan  
 ta opbou fan syn lichem, de tsjerke.

*Ef 4:11*

*Fil 1:1*

*Rom 12:7,8*

Sa jouwe Jo ús âlderlingen en diakens,  
 roppen út it fermidden fan jo folk,  
 om jo gemeente te bouwen en te tsjinjen.

Wy tankje Jo,  
 dat Jo dizze tsjinners fan Jo roppen hawwe  
 ta it amt fan âlderling en diaken  
 en dat wy harren hjoed  
 yn jo namme en hearrich oan jo wil  
 befêstigje meie yn har tsjinst.  
 En wy freegje Jo deemoedich:

*De foargonger leit no de âlderlingen en diakens ien foar ien de hannen op.*

*by elk foar oar*

Stjoer jo hillige Geast op N,  
 meitsje *har/him* âlderling yn dizze gemeente,  
 dat *se/er* yn leafde omsjocht nei de minsken  
 en jo gemeente bout.

**Amen.**





Stjoer jo hillige Geast op N,  
meitsje *har/him* diaken yn dizze gemeente,  
dat *se/er* yn leafde omsjocht nei de minsken  
en jo barmhertichheid stal jout.

**Amen.**

*Wannear't de foargonger alle diakens en âlderlingen de hannen oplein hat*

Jou harren de genede, bidde wy,  
om trou te wêzen oan har ûnthjit  
en stânfêst yn har tsjinstwurk.  
Dat se fêst yn it leauwe  
en oerfloedich yn de hoop  
woartele bliuwe meie  
yn de leafde fan Kristus,  
jo Soan, oan wa't takomt  
mei Jo en de hillige Geast  
de eare en de gloarje  
yn alle ivichheid.

**Amen.**

*Twadde foarm*



Seinige binne Jo, Heare, ús God,  
dy't Israel út Egypte befrijd hawwe  
en útlaat troch de tsjinst fan Mozes, Mirjam en Aäron.  
Jo dy't jo folk  
profeten, prysters en keningen jûn hawwe,  
minsken roppen ta jo tsjinst,  
salve mei jo Geast.



Seinige binne Jo, Heare, ús God,  
dy't jo Soan stjoerd hawwe,  
Jezus Messias,  
dy't kaam om te tsjinjen  
en minsken roppen hat,  
om yn syn namme inoar by te stean en de wei te wizen.

Jo binne it, dy't hjoed jo gemeente  
tsjinnern skinke, manlju en froulju,  
om noed fan har te stean, har te learen en te lieden  
en sa jo folk ta te rissen  
ta goede wurden en wurken.





*As de te befêstigjen amtsdraggers noch net knibbele wiene, komme se no ien foar ien nei foaren ta om te knibbeljen en de hannen oplein te krijen. Dêr't soks net dien wurdt, kin de befêstigingsformule bekrêftige wurde troch harren de hân te jaan.*

Mei God, ús Heit yn de himel,  
dy't jimme roppen hat ta dizze hillige tsjinst,  
jimme ferljochtsje troch syn Geast  
en jimme sterkje troch syn hân;  
Mei Hy jimme yn de betsjinning fan jim amt sà regearje  
dat jimme dêr trou en fruchtber yn wannelje  
ta gloarje fan syn Namme  
en ta fersprieding fan it Ryk  
fan syn Soan Jezus Kristus.

**Amen.**

*Dêr't in grut tal amtsdraggers efterinoar befêstige wurdt, kin gebrûk makke wurde fan in koartere formulearring.*

Mei God, ús Heit yn de himel,  
jimme syn hillige Geast jaan  
om it amt fan *âlderling/diaken* te folbringen  
yn de gemeente fan Jezus Kristus.

**Amen.**

*nei de befêstiging*

Wy bidde Jo:  
jou dejingen dy't yn har amt befêstige binne,  
dat se hearrich oan jo ropstim  
en yn betrouwen op jo beloften,  
frijmoedich har taak opnimme,  
ta eare fan jo Namme,  
ta freugde fan ús allegearre,  
troch ús Hear, Jezus Kristus, jo Soan,  
dy't mei Jo yn de ienheid fan de hillige Geast,  
libbet en regearret yn alle ivichheid.

**Amen.**

OANFURDIGING EN WOLKOM

*Elkenien stiet*

*foargonger*

Gemeente,

dit is/binne jim nije *âlderling(en)* en *diaken(s)*.





Wolle jimme *har/him/harren* yn jim fermidden ûntfange  
en *har/him/harren* heechhâlde yn *har/syn* amt?

**Ja, dat wolle wy fan herten.**

*De gemeente kin har ynstimming bekrêftigje mei applaus.  
Bern fan de gemeente kinne de nij-befêstige amtsdragers wolkom  
hjitte.*

*In lofprizing kin songen wurde.*

FREDEGROET

*foargonger*

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

**En mei jo geast.**

Winskje inoar de frede.

*De foargonger bringt de nij-befêstige amtsdragers de fredegroet.*

*De gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.*





## Formulier foar de befêstiging of ferbyntenis fan tsjinnern fan it Godlike Wurd

Beminde bruorren en susters, jimme witte dat wy jimme ûnderskate kearen de namme bekend makke hawwe fan ús meibroer N, dy't hjir bywêzich is. Dat wie om te fernimmen oft immen wat tsjin syn leare of libbenswannel ynbringe kinne soe, wêrtroch't er net yn de tsjinst fan it Wurd befêstige wurde mocht. It hat bliken dien dat nimmen wat wettichs tsjin him ynbrocht hat. Dêrom sille wy no yn de Namme fan de Heare ta syn *befêstiging/ferbyntenis* oergean.

Wy freegje jo, N en alle oanwêzigen, dêrom earst te harkjen nei in koarte útlis op grûn fan Gods Wurd oer de ynstelling en de betsjutting fan it amt fan hoeder of tsjinner fan it Wurd.

Dat Wurd leart ús alderearst dat God, ús himelske Heit, dy't út it ferdoarne minsklik slachte in gemeente roppe en ta it ivige libben gearbringe wol, dêr troch in bysûndere genede de tsjinst fan minsken ta brûkt [*Ef 4:11,12*]. Dêrom seit Paulus yn Efeziërs 4 dat de Heare Kristus jûn hat: 'somliken ta apostels en somliken ta profeten, en somliken ta evangelisten en somliken ta hoeders en learaars, om de hilligen ree te meitsjen foar it wurk fan de betsjinning, ta opbou fan it lichem fan Kristus.' Hjir sjogge wy dat de hillige apostel ûnder mear seit dat it hoedersamt in ynstelling fan Jezus Kristus is. Wat by dat hillich amt heart, kinne wy maklik út de namme ôfliede. Want sa't it it wurk fan in gewoane hoeder is om in oan him tabetroude keppel te weidzjen, te lieden, te beskermjen en dêr tafersjoch oer te hawwen, sa is it ek mei de geastlike hoeders. Hja binne oer de gemeente steld dy't God ta de sillichheid ropt en foar skiep fan Syn weide hâldt. Dy weide is neat minder as de ferkundiging fan it Godlike Wurd mei de betsjinning fan de gebeden en fan de hillige sakraminten dy't dêroan ferbûn is. Dat Wurd is de stêf dêr't de keppel mei laat wurdt; mei dat Wurd wurdt ek tafersjoch oer har útoefene.

Dêr blykt út wat de taak fan de hoeder of tsjinner fan it Wurd is.

Yn it foarste plak moat er it Wurd fan de Heare, dat troch de skriften fan profeten en apostels iepenbiere is, yngeand en trou oan de gemeente útlizze. Hy sil it tapasse, likegoed yn al-





gemiene as yn bysûndere sin. Dat sil er ta heil fan de harkers dwaan troch te ûnderrjochtsjen, te fermoanjen, te treastgjen en te bestraffen, al nei't in elk dêr ferlet fan hat. Hy ferkundiget de bekearing ta God en de fermoedsoening mei Him troch it leauwe yn Jezus Kristus. Mei de Hillige Skrift wjerleit er alle dwalingen en ketterijen dy't tsjin de suvere leare stride. Dat allegear wurdt ús yn de Hillige Skrift dúdlik te witten dien, want Paulus seit dat de tsjinner arbeidet yn it Wurd [1 Tim 5:17]. Op in oar plak leart de apostel dat dat barre moat neffens de mjitte fan it leauwe [Rom 12:7]. Hy skriuwt ek dat in hoeder him oan it wiere wurd neffens de leare hâlde moat en rjocht snije moat [Tit 1:9; 2 Tim 2:15]. Allyksa seit er: wa't profetearret (dat is: Gods Wurd preket) dy stichtet, fermoannet en fertreastet de minsken [1 Kor 14:3]. Op in oar plak hâldt Paulus himsels oan de tsjinner as in foarbyld foar, as er ferklearret dat er yn it iepenbier en by de minsken thús de bekearing ta God en it leauwe yn ús Heare Jezus Kristus leard en betsjûge hat [Hann 20:20,21]. Benammen yn de twadde brief oan de Korintiërs fine wy in sprekkende beskriuwing fan it amt fan tsjinner fan it evangelje, as de apostel seit: 'En dat is allegearre út God, dy't ús mei Himselfs troch Jezus Kristus fermoedsoene hat en ús – de apostels en hoeders – de betsjinning fan de fermoedsoening jûn hat. Want God wie yn Kristus de wrâld mei Himselfs fermoedsoenjende, harren de oertrêdingen net oanrekkenjende; en Hy hat it wurd fan de fermoedsoening yn ús lein. Sa binne wy dan seinboaden fan Kristus wegen, om't God troch ús fermoannet: wy bidde fan Kristus wegen, wês fermoedsoene mei God' [2 Kor 5:18-20]. Wat it wjerlizzen fan de ûnsuvere leare oangiet, seit Paulus dat in tsjinner it Wurd fan God sâ heech hâlde moat om de tsjinsprekkers te oertsjûgjen [Tit 1:9].

Yn it twadde plak hâldt it amt fan hoeder yn om út namme fan de hiele gemeente yn it iepenbier Gods namme oan te roppen. Want de hoeders hawwe mei de apostels mien wat dy sizze: 'Wy lykwols sille oanhâlde yn it gebed en yn de betsjinning fan it Wurd' [Hann 6:4]. Dêr doelt Paulus op, as er oan Timoteüs skriuwt: 'Ik fermoanje dan foar alle dingen, dat der smekingen, gebeden, foarbeaten en tanksizzingen dien wurde foar alle minsken; foar keningen en allegearre dy't yn heechheid binne' [1 Tim 2:1,2a].

Yn it tredde plak bestiet har amt út it betsjinjen fan de sakraminten, dy't de Heare as segel fan Syn genede ynsteld hat, sa't bliken docht út it gebod dat Kristus oan de apostels jûn hat en dat ek de tsjinner fan it Wurd oangiet: 'Doop harren yn de





namme fan de Heit en fan de Soan en fan de Hillige Geast' (*Mt 28:19*). Allyksa hat Er by it ynstellen fan it Nachtmiel sprutsen: 'Doch dat (...) om My te betinken' (*1 Kor 11:24,25*).

Yn it fjirde plak is it de taak fan de tsjinners fan it Wurd om mei de âlderlingen de goede tucht yn de gemeente fan God út te oefenjen, de oarder te bewarjen en op sa'n wize te regearjen as de Heare it opdroegen hat. Want Kristus seit tsjin Syn apostels, nei't Er oer de kristlike tucht sprutsen hat: 'Wat jimme bine op de ierde, sil bûn wêze yn de himel' (*Mt 18:18*). En Paulus wol dat de tsjinners oan har eigen húshâlding op in goede wize lieding jouwe, oars kinne se ek net noed stean foar de gemeente [*1 Tim 3:4, 5*]. Dêrom wurde yn de Skrift de hoeders ek húsfersoargers fan God en biskoppen, dat binne opsjenners en wachters, neamd. Se hawwe nammentlik tafersjoch oer it hûs fan God dêr't se yn wurkje, mei it doel dat alles dêr yn goede oarder en sa't it heart tagiet en dat hja mei de kaaïen fan it himelske Ryk, dy't har tabetroud binne, iepenje en slute, neffens de opdracht dy't God har jûn hat [*Mt 16:19*].

Dy't ta it hoedersamt roppen binne, drage bysûndere ferantwurdlikheid yn de sielesoarch, dêr't har neffens de oarder fan de tsjerke geheimhâlding by oplein is fan alles wat se by it útoefenjen fan har amt fertroulik te witten kommen binne.

Ut dy útlis kin opmakke wurde wat foar in hearlik wurk it hoedersamt is, omdat dêr sokke grutte dingen troch ta stân komme, en hoe't dat amt tige needsaaklik is om de minsken ta de sillichheid te bringen. Dêrom wol de Heare dat dit amt der altyd bliuwe sil. Want as Kristus Syn apostels útstjoert foar dat hillige betsjinjen, seit Er: 'En sjoch, Ik bin mei jimme al de dagen oant de foltôging fan de wrâld' [*Mt 28:20*]. Dêr docht út bliken dat it Syn wil is dat dy hillige tsjinst altyd op ierde ûnderhouden wurdt, want de lju dy't Er oanspreek wiene stjerlike minsken. Dêrom fermoannet Paulus Timoteüs, om wat er fan him heard hie, oan betroude minsken ta te betrouwen, dy't bekwaam wêze sille en lear ek wer oaren [*2 Tim 2:2*]. Allyksa draacht er Titus, nei't er him ta hoeder befêstige hat, op om fan stêd ta stêd âldsten oan te stellen [*Tit 1:5*].

Omdat wy no ek in nije tsjinner fan it Wurd befêstigje, om de tsjinst yn de tsjerke fan God te ûnderhâlden, en der genôch oer dit ûnderwerp sein is, sa sille jo, N, de neikommende fragen beäntwurdzje, dat elkenien hearre sil dat jo dy tsjinst mei tagedienens oangeane.

Foarst: Binne jo der djip yn it hert fan oertsjûge dat jo wettich





troch Gods gemeente en dêrmei troch God Sels ta dizze hillige tsjinst roppen binne?

Twad: Hâlde jo de boeken fan it Alde en Nije Testamint foar it iennige Wurd fan God en de folsleine leare fan de sillichheid? Fersmite jo alle learingen dy't dêrmei yn striid binne?

Tred: Unthjitte jo om jo amt neffens dizze leare trou út te oefenjen en jo leare te toaien mei in godsfruchtige libbenswannel? Unthjitte jo om stil te hâlden wat jo by it útoefenjen fan jo amt fertroulik te witten komme binne? En ûnthjitte jo ek om jo del te jaan ûnder de tsjerklike tucht neffens de oarder fan de tsjerke wannear't jo jo yn leare of libben ûnweardich foar it amt oer hâlde soene?

*Antwurd:*

Ja, mei hert en siel.

*Dêrnei sil de tsjinner dy't him dat frege hat (of in oare tsjinner as der mear tsjinnens binne), him de hannen op de holle lizze<sup>1</sup> en sizze:*

Mei God, ús himelske Heit, dy't jo ta dizze hillige tsjinst roppen hat, jo troch Syn Geast ferljochtsje, jo troch Syn hân sterkje, en jo sâ yn jo betsjinning regearje dat jo dêr tsjinstber en fruchtber yn wurkje en libje meie, ta ferhearliking fan Syn namme en ta útwreiding fan it ryk fan Syn Soan, Jezus Kristus. Amen.

*Dêrnei sprekt de tsjinner fan de kânsel ôf de tsjinner dy't befêstige is en dêrnei de gemeente sâ ta:*

Nim dan, beminde broer en meitsjinner yn Kristus, josels en de hiele keppel te wacht, dêr't de Hillige Geast jo ta opsjenner oer set hat, om Gods gemeente te weidzjen, dy't Er wûn hat troch it bloed fan Syn eigen Soan [Hann 20:28]. Haw Kristus leaf, weidzje syn skiep, sjoch derop ta, net oantwongen of om skandalich gewin, mar mei in feardige moed; net om hearskippij oer it erfdiel te fieren, mar as in foarbyld foar de keppel [1 Petr 5:2,3]. Wês de leauwigen in foarbyld yn wurd, yn wannel, yn leafe, yn de Geast, yn leauwe en yn suverheid. Hâld oan mei it lêzen fan Gods wurd, mei it fermoanjen en learen, en fersleaukje de jefte dy't yn jo is net. Betink dy dingen, wês dêryn warber dat jo oanwinnen allegearre iepenbier wêze mei. Nim de lear te wacht; bliuw dêrby [1 Tim 4:12-16]. Draach it lijen mei as in

<sup>1</sup> It oplizzen fan de hannen bart allinnich by it befêstigjen fan in kandidaat ta de hillige tsjinst.





goed kriichsfeint fan Kristus Jezus [2 Tim 2:3]. Dogge jo dat, dan sille jo josels en jo tahearbers behâlde [1 Tim 4:16]. En as de opperste Hoeder ferskine sil, sille jo de ûnferwylgbere kroane fan de hearlikheid behelje [1 Petr 5:4].

Beminde kristenen, ûntfang jimme tsjinner yn de Heare mei alle blydskip en hâld sokke tsjinneren yn eare. Betink dat God Sels troch him jimme oansprekt en jimme mei ynmoed noaget. Nim dêrom it wurd dat er jimme neffens de Hillige Skrift ferkundigje sil oan, net as in wurd fan in minske, mar as it Wurd fan God, dat it ek yn wierheid is [1 Tess 2:13]. Dat de fuotten fan him dy't de frede te hearren docht en de blide tidings bringt, wolkom by jim wêze meie [Jes 52:7; Rom 10:15]. Wês jimme foargongers hearrich, want hja weitsje oer jimme sielen om't hja rekkenskip jaan sille; dat hja dat dwaan meie mei bliidens, en net al suchtsjende; want dat soe jimme net nut wêze [Hebr 13:17]. Komme jimme dat nei, dan mei der frede op jimme huzen rêste [Mt 10:13] en sille jimme, dy't dizze evangelijspreker as in profeet opnimme, it lean fan in profeet krije [Mt 10:41] en as jimme troch syn wurd yn Kristus leauwe, sille jimme troch Kristus it ivige libben beêrvje.

Mar lit ús, omdat gjinien hjir út himsels ta by steat is, God mei tanksizzing bidde:



Barmhertige Heit, wy tankje Jo dat Jo út it ferlerne minsklik slachte, troch de tsjinst fan minsken, Jo in gemeente ta it ivige libben byinoar bringe wolle. Wy tankje Jo dat Jo de tsjerke hjirre yn Jo genede in betrouber tsjinner beskikt hawwe.

Wy bidde Jo, meitsje him troch Jo Geast wat langer wat betûfter ta de tsjinst dêr't Jo him foar ornearre en roppen hawwe. Wolle Jo syn ferstân ferljochtsje om Jo Hillige Skrift te ferstean. Lis him de wurden yn 'e mûle om frijmoedich de ferburgenheden fan it evangelje út te lizzen en te ferkundigjen. Jou him wiisheid en moed om de gemeente dêr't er oer steld is, goed te lieden en yn kristlike frede byinoar te hâlden, dat Jo tsjerke ûnder syn betsjinning en troch syn goede libbenswannel oanwinne sil yn tal en goede wurken. Jou him moed yn alle swierrichheden dy't er yn syn tsjinst tsjinkomt, dat er, sterke troch de treast fan Jo Geast, oan 'e ein ta hoekhâlde sil en mei alle trouwe tsjinstfeinten yn de freugde fan syn Heare ûntfongen wurde sil.

Wol ek oan dizze gemeente Jo genede skinke, dat hja har



foar har hoeder oer hâlde en drage sa't it heart, him erkenne  
as troch Jo stjoerd, mei alle earbied syn leare oannimme en  
har ûnder syn fermoanning deljouwe. Jou dat hja sa, troch  
syn wurd yn Kristus leauwende, it ivige libben dieleftich  
wurde meie.

Ferhear ús, o Heit, troch Jo leave Soan, dy't ús sà learde te  
bidden:

Us Heit, Dy't yn de himelen binne,

Jins Namme wurde hillige;

Jins Keninkryk komme;

Jins wollen barre allyk yn 'e himel sa ek op ierde;

jou ús hjoed ús deistich brea;

en ferjou ús ús skulden,

allyk ek wy ferjouwe ús skuldners;

en lied ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade;

want Jowes is it Keninkryk

en de krêft

en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.





## Formulier foar de befêstiging fan âlderlingen en diakens

Beminden yn ús Heare Jezus Kristus, jimme witte dat wy jimme ûnderskate kearen de nammen bekendmakke hawwe fan de hjir oanwêzige meibruorren dy't keazen binne ta it amt fan âlderling of diaken yn ús gemeente. Dat wie om te fernimmen oft immen wat ynbringe soe, wêrtroch't hja net yn it amt befêstige wurde mochten. It hat bliken dien dat nimmen wat wettichs tsjin harren ynbrocht hat. Dêrom sille wy no yn de Namme fan de Heare ta harren befêstiging oergean.

Wy freegje jimme, bruorren, dy't no befêstige wurde sille, en alle oanwêzigen, en harkje earst mei omtinken nei in koarte útlis oer de amten dy't op grûn fan Gods Wurd ynsteld binne.

Wat de âlderlingen oangiet is op te merken dat it wurd âlderling of 'âldste', dat út it Alde Testamint komt en in persoan oantsjut dy't in oansjenlik bestjoersamt ynnimt, takend wurdt oan twa soarten persoanen dy't yn de tsjerke fan Jezus Kristus tsjinje. Want de apostel Paulus seit dat de âlderlingen dy't goed regearje, dûbele eare weardich achte wurde, benammen dy't arbeidzje yn Wurd en leare [1 Tim 5:17]. Dêr docht út bliken dat der yn de apostoalyske tsjerke twa soarten âlderlingen west hawwe. Foarst de tsjinnners fan it Wurd, hoeders en learaars dy't it evangelje ferkundigen en de sakraminten betsjinnen. Twad dejingen dy't net it wurd betsjinnen, mar wol tsjinst ferrjochten yn de gemeente. Hja droegen in bysûnder amt, te witten dat se tafersjoch oer de tsjerke hiene en har, yn 'e mande mei de tsjinnners fan it Wurd, regearren. Want earst hat Paulus yn Romeinen 12 sprutsen oer it learamt en it amt fan útdielen of diakenskip. Dêrnei sprekt er apart oer it regearamt: lit in elk dy't lieding jout dat iverich, dat wol sizze sekuer dwaan [Rom 12:7-8]. Op in oar plak neamt er by de jeften en amten dy't God yn de gemeente jûn hat, ek it regearjen [1 Kor 12:28]. Dy't yn it regearamt tsjinje, hawwe de taak om de tsjinnners dy't it evangelje preekje, te helpen en by te stean. Allyksa wiene yn de tabernakeltsjinst yn it Alde Testamint oan de prysters de gewoane leviten as helpers tafoege foar saken dy't prysters net allinnich dwaan koene. It bleauwen lykwols hieltyd ûnderskate amten. Boppedat is it goed dat oan de tsjinnners fan it Wurd





manlju tafoege wurde dy't meiregearje, om alle foarmen fan tiranny en hearsksucht út de gemeente fan God wei te hâlden. Dy kinne nammerste makliker ynslûpe as de lieding by ien of mar in pear minsken berêst.

Sa foarmje de tsjinners fan it Wurd en de âlderlingen mei de diakens mei-inoar in kolleezje: in ried fan de tsjerke dy't de hiele gemeente fertsjintwurdiget. Dêr doelt de Heare Kristus op as Er de útspraak docht: 'Sis it oan de gemeente' [Mt 18:17]. Dêr wurde út noch yn net de gemeenteleden allegearre mei bedoeld, of alle lidmaten apart, mar krekt dejingen dy't troch de gemeente keazen binne om te regearjen.

It amt fan âlderling hâldt it neikommende yn:

Foarst it yn 'e mande mei de tsjinners fan it Wurd tafersjoch hâlden oer de gemeente dy't harren tabetroud is; it sekuer tasjen oft elkenien him yn belidenis en libbensswannel nei behearren hâldt en draacht; it fermoanjen fan harren dy't harren ûnstichtlik hâlde en drage; it safolle mooglik tefoaren kommen dat de sakraminten ûnthillige wurde; it útoefenjen fan kristlike tucht oer harren dy't gjin berou sjen litte en it wer yn 'e skurte fan de tsjerke opnimmen harren dy't wol berou sjen litte. Dat docht net allinnich bliken út de earder neamde útspraak fan Kristus, mar ek út oare útspraken yn de Skrift, lykas 1 Korintiërs 5 en 2 Korintiërs 2. Dêr lêze wy dat de neamde taken net berêste by ien of twa, mar by mear dy't dêr opdracht ta krigen hawwe.

Twad is it ek it wurk fan de âlderlingen om derop ta te sjen dat ûnder kristenen alle dingen skiklik en mei oarder barre [1 Kor 14:40] en dat oars gjinien as troch wettige beropping, neffens de fêststelde oarder, yn de tsjerke fan Kristus tsjinje sil. Sa is om-mers de opdracht fan de apostel. Fierder is it harren wurk om alles te dwaan wat te krijen hat mei it wolwêzen en de goede oarder fan de tsjerke, de tsjinners fan it Wurd mei goede rie te helpen en alle gemeenteleden mei rie en treast fan tsjinst te wêzen.

Tred is harren amt der yn it bysûnder om tafersjoch út te oefenjen oer leare en libbenswannel fan de tsjinners fan it Wurd, want alles moat derop rjochte wêze dat de tsjerke opboud en de falske leare tsjinholden wurdt. Sa lêze wy yn Hannelingen 20:28-29, dêr't de apostel fermoannet wach te wêzen op de wolven dy't de keppel ynglûpe kinne. Om dat dwaan te kinnen, rêst op de âlderlingen de ferplichting om it Wurd fan God ierich te ûndersykjen en har aloan te oefenjen yn it oertinken fan de ferburgenheden fan it leauwe.

Fjird: oan guon fan harren is yn it bysûnder tabetroud om





noed te stean foar it yn stân hâlden fan de iepenbiere earetsjinst. Hja sille dêr net allinnich de geastlike mar ek de stoflike belangen fan de gemeente by behertigje, dat der genôch gelegenheid wêze sil om it evangeelje te preekjen, de sakraminten te betsjinjen en de Namme fan de Heare yn it iepenbier oan te roppen.

No wat de diakens oanbelanget. Oer de tsjinst fan de barmhertichheid leart de Skrift dat dy fuortkomt út de folsleine leafde fan Kristus foar de gemeente, dy't Er mei Syn bloed kocht. Hy kaam op de wrâld om te tsjinjen en ûntferme Him oer harren dy't yn need wiene. Kristus is it Laam dat de sûnde fan de wrâld weinimt [*Joh 1:29*], de Tsjinstfeint fan de Heare dy't ús kwalen op Him nommen hat en ús smerten droegen hat [*Jes 53:4*] en dy't net rêste sil oant by Syn weromkommen de gefolgen fan de sûnde ek ta in ein komme.

Yn neifolging fan har Heare soarge de earste kristlike gemeente derfoar dat gjinien yn har fermidden yn earmoed libbe. De gemeente fan Kristus hat boppedat in wrâldwide taak: it fersêftsjen fan lijen en need yn de hiele wrâld.

Oer it ynstellen fan it amt fan diaken kinne wy yn it boek fan de Hannelingen lêze [*Hann 6:1-6*]. Dêr stiet dat de apostels yn it earstoan sels de earmesoarch behertige hawwe. Wat it ferkeapjen fan guod opbrocht, waard foar de fuotten fan de apostels lein en der waard omparte neigeraden elk ferlet hie. Mar der ûntstie ûntefredenheid, omdat Gryksk sprekkende widdowen by it deistich omparten oerslein waarden. Op oantrúnjen fan de apostels binne dêrom manlju keazen dy't de soarch foar de earmen ta har spesifike taak rekkenje soene, dat de apostels sels har nammerste mear wije koene oan it gebed en oan de betsjining fan it Wurd. Sa hat it sûnt dy tiid yn de tsjerke funksjonearre. Dat blykt út Romeinen 12:8, dêr't de apostel, as er oer dy tsjinst sprekt, seit dat dejingen dy't wat wei te jaan hawwe dat yn alle ienfâld dwaan moatte. En as er op in oar plak oer helpen sprekt, bedoelt er dejingen dy't yn de gemeente oansteld binne om de earmen en ellindigen yn har need te helpen [*1 Kor 12:28*].

Ut dy teksten docht dúdlik bliken dat it amt fan diaken it neikommende omfettet:

Foarst: trou en soarchfâldich de jeften en it guod dat foar de earmen jûn is, te sammeljen en te bewarjen. Hja moatte har ek mei tawijing ynsette foar it finen fan genôch middels om de earmen te helpen.





Twad: it útdielen fan jeften. Dêr wurdt net allinnich om-  
tinken en soarchfâldichheid foar fereaske om de jeften dêr te  
bestegjen dêr't der ferlet fan is, mar ek blydskip en ienfâld om  
mei in oandien en goedwillich hert de earmen te helpen, lykas  
de apostel ús yn Romeinen 12:8 en 1 Korintiërs 9:7 foarhâldt.  
Dêrby is it fan grut belang dat hja minsken dy't help nedich  
hawwe net allinnich mei materiële jeften helpe, mar ek mei  
treastfolle wurden út de Skrift.

As lêste jildt foar alle amtsdraggers dat harren neffens de oarder  
fan de tsjerke it stilhâlden oplein is fan alles wat hja by it útoe-  
fenjen fan har amt fertroulik te witten kommen binne.

Beminde bruorren, dat elkenien hearre mei dat jimme ree binne  
om jimme amt oan te gean, sa freegje ik jimme om te antwur-  
dzjen op de neikommende fragen.

Foarst: Binne jimme der yn jim hert fan oertsjûge dat jimme  
wettich troch Gods gemeente en dêrmei troch God Sels ta dizze  
hillige tsjinst roppen binne?

Twad: Hâlde jimme de boeken fan it Alde en Nije Testamint foar  
it iennige Wurd fan God en de folsleine leare fan de sillichheid?  
Fersmite jimme alle learingen dy't dêrmei yn striid binne?

Tred: Unthjitte jimme om jim amt trou neffens dy leare út te  
oefenjen, mei de jeften dy't jim foar jim amt skonken binne;  
en ûnthjitte jimme om stil te hâlden wat jimme by it útoefen-  
jen fan jim amt fertroulik te witten komme binne? Unthjitte  
jimme om jim ek mei-inoar godfreezjend te hâlden en jim del  
te jaan ûnder de tsjerklike tucht, wannear't jimme jim ûnwear-  
dich hâlde soene?

Antwurd:

Ja.

Mei de almachtige God en Heit jimme allegearre Syn genede  
jaan om yn jim amt trou en fruchtber te wêzen. Amen.

Dêrnei sprekt de predikant harren en de gemeente mei de nei-  
kommende wurden ta:

Alderlingen, wês sekuer yn wat jim, mei de tsjinnern fan it Wurd,  
tabetroud is, te witten it regearjen fan de tsjerke. Weitsje oer de  
gemeente as it hûs en de stêd fan God, troch elkenien trou te  
fermoanjen en te warskôgjen foar de wei dy't nei it ferdjer ta  
liedt. Jou acht op it hanthavenjen fan de suvere leare en in  
fromme libbenswannel yn de gemeente fan de Heare.





Diakens, sammelje de jeften mei soarch yn en diel se ferstannich en mei freugde út. Kom harren dy't yn need binne te help. Soargje foar de widdowen en widners, de wezen en elkenien dy't yn need is. Bewiis mei dienen leafde oan alle minsken, mar yn it bysûnder oan de húsgenoaten fan it leauwe [Gal 6:10].

Wês allegearre trou yn jim amt, hâld de ferburgenheid fan it leauwe mei in rein gewisse [1 Tim 3:9], wês in goed foarbyld foar de hiele gemeente. Sa meitsje jimme jimsels in goede rang yn de gemeente en grutte frijmoedichheid yn it leauwe yn Kristus Jezus en sille jimme nei dit libben yn de freugde fan jimme Heare yngean [1 Tim 3:13].

Beminde kristenen, ûntfang fan jimme kant dizze manlju as tsjinnern fan God. Bid foar harren. Haw grut respekt foar âlderlingen dy't goed regearje [1 Tim 5:17], en jou jim folchsum ûnder har tafersjoch en lieding del. Foarsjoch de âlderlingen-tsjerkerintmasters ryklik fan middels, likegoed foar de earetsjinst as foar oare tsjerklike doelen. Foarsjoch de diakens fan genôch middels om de earmen te helpen. Wês myld en royaal yn it jaan<sup>1</sup>. Wês Kristus tankber, dy't troch harren soarch ek oan jimme Syn barmhertichheid bewiist. Lit elkenien troch arbeidzjen yn syn eigen ûnderhâld foarsjen as dat kin, om sa needlijenden helpe te kinnen. As in elk sa docht op it plak dat God him of har jûn hat, sille jimme fan Him it lean fan de rjochtfeardichheid barre.

Omdat wy dat út ússels net kinne, lit ús de almachtige God oanroppe:

Heare God, himelske Heit, wy tankje Jo dat it Jo hage hat om foar it fierder útgroeien fan Jo tsjerke njonken dejingen dy't it Wurd betsjinje, ek amtsdragern te jaan foar it regearjen en foar tsjinstbetoan, om frede en wolwêzen yn Jo gemeente te hâlden en yn it libbensûnderhâld fan earmen te foarsjen. Jo hawwe ús hjoed manlju mei in goed tsjûgenis skonken, dy't de jefte fan Jo Geast ûntfongen hawwe.

---

1 Yn it klassike formulier is dêroan tafoege: 'En jimme earmen, wês earm fan geast, en hâld jimme foar jim fersoargers oer yn alle earbied: wês harren tankber en murmurearje net. Folgje Kristus om de spize fan de siel en net om it brea. Dy't stellen hat moat dat net wer dwaan, mar leaver arbeidzje, goed wurk mei de hannen oanpakke, dat er wat weijaan kin oan dy't der ferlet fan hat.'





Wy bidde Jo om harren aloan mear de jeften te jaan dêr't hja by it betsjinjen fan harren amt ferlet fan hawwe: wiisheid, moed, ûnderskiedingsfermogen en myldens, dat elkenien syn amt útoefenje kin sa't it heart. Lit de âlderlingen sekuer tasjen op de leare en op de libbenswannel, lit harren de wolven by de skieppekeppel fan Jo leave Soan weihâlde en gemeenteleden dy't it paad kwyt binne fermoanje en bestraffe. Lit de âlderlingen-tsjerkerintmasters trou wêze yn it behertigjen fan de stoflike belangen fan de gemeente. Lit de diakens har fol iver ynsette foar it krijen fan jeften en lit harren dy myld en wiis oan de earmen jaan, tagelyk mei de leafdefolle treast út Jo Hillich Wurd. Skink de amtsdraggers Jo genede, dat hja yn har trou wurk trochsette meie, nettsjinsteande muoite, fertriet of ferfolging.

Jou yn it bysûnder Jo godlike seine oan de gemeente dêr't hja oer steld binne, sadat dy har ûnder de terjochte fermoanningen fan de âlderlingen deljout en harren om 'e wille fan it amt yn eare hâldt.

Jou ús allegearre in myld hert foar dy't earm en fertrape binne en jou harren in tankber hert. Mei troch dat allegear Jo hillige Namme grutmakke en it ryk fan Jo Soan Kristus fuortsterke wurde. Yn Syn Namme beslute wy ús gebed:

Us Heit, Dy't yn de himelen binne,

Jins Namme wurde hillige;

Jins Keninkryk komme;

Jins wollen barre allyk yn 'e himel sa ek op ierde;

jou ús hjoed ús deistich brea;

en ferjou ús ús skulden,

allyk ek wy ferjouwe ús skuldners;

en lied ús net yn fersiking,

mar ferlos ús fan 'e kweade;

want Jowes is it Keninkryk

en de krêft

en de hearlikheid

oant yn ivichheid. Amen.





# Karteksten

## Persoanlike tarieding fan in tsjinner fan it Wurd

- 1 Heare God, Heit yn 'e himel,  
 it amt en de tsjinst,  
 dêr't ik jo Wurd yn ferkundigje  
 en de gemeente yn hoedzje moat,  
 bin ik net weardich.  
 Mar omdat Jo my ta hoeder en learaar makke hawwe  
 en minsken ek fan ûnderrjocht ferlet hawwe,  
 wês Jo dan myn helper  
 en lit jo hillige ingels by my wêze.  
 As Jo troch my wat út 'e wei sette wolle,  
 ta jo eare en net ta mines,  
 jou my dan inkeld út genede en barmhertichheid  
 jo Wurd rjocht te ferstean  
 en folle mear: dat ik it ek doch.  
 Amen.



## Konsistoarjegebed

- 2 *by de befêstiging of ferbyntenis fan in tsjinner fan it Wurd*

Dat Jo ús op dizze dei  
 nei jo hûs ta roppen hawwe,  
 dêr tankje wy Jo foar, goede God.  
 Jo wolle jo namme betocht hawwe  
 en omdat Jo ús roppe,  
 sykje wy jo antlit.  
 Wy bidde Jo yn it bysûnder  
 foar *N* dy't befêstige wurdt  
 yn it amt fan tsjinner fan it Wurd  
 en ferbûn wurdt oan dizze gemeente –  
*of by in ferbyntenis*  
 Wy bidde Jo yn it bysûnder foar *N*,  
 tsjinner fan it Wurd,  
 dy't ferbûn wurdt oan dizze gemeente –  
 dat *se/er* mei freugde *har/syn* tsjinst folbringe sil  
 troch it geheim fan Jo bywêzigens te ferkundigjen.  
 Jou dat *har/syn* tsjinstwurk yn ús fermidden





boppe-al *harsels/himsels* ta seine wêze mei,  
 dat wy allegearre mei *har/him*  
 Jo rûnom en altyd  
 loovje, tankje en tsjinje  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

3 *by it befêstigjen fan in âlderling*

Dat Jo ús op dizze dei  
 nei jo hûs ta roppen hawwe,  
 dêr tankje wy Jo foar, goede God.  
 Jo wolle jo namme betocht hawwe  
 en omdat Jo ús roppe,  
 sykje wy jo antlit.  
 Wy bidde Jo yn it bysûnder foar N,  
 dy't befêstige wurdt yn it amt fan âlderling.  
 Jou *har/him* de freugde fan jo bywêzigens,  
 sadat *se/er* de gemeente as mienskip  
 opbouwe kin en tarisse  
 ta eare fan jo namme.  
 Jou dat *har/syn* tsjinstwurk yn ús fermidden  
 boppe-al *harsels/himsels* ta seine wêze mei,  
 dat wy allegearre mei *har/him*  
 Jo rûnom en altyd  
 loovje, tankje en tsjinje  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

4 *by it befêstigjen fan in diaken*

Dat Jo ús op dizze dei  
 nei jo hûs ta roppen hawwe,  
 dêr tankje wy Jo foar, goede God.  
 Jo wolle jo namme betocht hawwe  
 en omdat Jo ús roppe,  
 sykje wy jo antlit.  
 Wy bidde Jo yn it bysûnder foar N,  
 dy't befêstige wurdt yn it amt fan diaken.  
 Jou *har/him* de freugde fan jo bywêzigens,  
 sadat *se/er* de gemeente hâldt  
 oan de tsjinst by de Tafel fan de Hear  
 en oan har tsjinst yn 'e wrâld.







Jou dat *har/syn* tsjinstwurk yn ús fermidden  
 boppe-al *harsels/himsels* ta seine wêze mei,  
 dat wy allegearre mei *har/him*  
 Jo rûnom en altyd  
 loovje, tankje en tsjinje  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

5 *by it befêstigjen fan âlderling(en) en diaken(s)*

Dat Jo ús op dizze dei  
 nei jo hûs ta roppen hawwe,  
 dêr tankje wy Jo foar, goede God.  
 Jo wolle jo namme betocht hawwe  
 en omdat Jo ús roppe,  
 sykje wy jo antlit.  
 Wy bidde Jo yn it bysûnder foar N,  
 dy't befêstige wurde yn it amt fan diaken en âlderling.  
 Jou harren de freugde fan jo bywêzigens,  
 sadat hja de gemeente as mienskip  
 opbouwe en tarisse ta eare fan jo namme,  
 en de gemeente hâlde  
 oan de tsjinst by de Tafel fan de Hear  
 en oan har tsjinst yn 'e wrâld.  
 Jou dat harren tsjinstwurk yn ús fermidden  
 boppe-al *harsels* ta seine wêze mei,  
 dat wy allegearre mei harren  
 Jo rûnom en altyd  
 loovje, tankje en tsjinje  
 troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

**Kyriegebed**

6 Lit ús ta de Hear om ûntferming roppe

fanwegen de need fan in wrâld,  
 dêr't minsken leaver  
 ta skea as ta heil fan oaren libje,

fanwegen de need fan in wrâld,  
 dêr't it bliid berjocht fan Gods gerjochtichheid  
 wei wurdt troch it razend rjocht fan de sterkste,





fanwegen de need fan in wrâld,  
dêr't safolle liedslju  
omlizzen geane foar de ferliedingen fan de macht:

sa roppe wy om ûntferming  
en priizgje wy de Namme fan de Hear  
dy't troch syn nederige tsjinst  
de wrâld ta syn rjocht brocht hat:

**Hear, ûntfermje Jo,  
Kristus, ûntfermje Jo,  
Hear, ûntfermje Jo.**

**Eare oan God yn 'e himel...**

### **Gebed fan de dei**

*Lêstroaster siden 295-304*

### **Gebed om ferljochting mei de hillige Geast**

- 7 Almachtige God,  
Jo, dy't jo hillige Geast oer jo tsjerke útstoart hawwe  
ta ferhearliking fan jo namme  
en minsken yn jo tsjinst oannimme,  
help ús, dat troch jo evangeelje  
ús herten treastge en suvere wurde,  
dat wy yn alle wierheid laat wurde  
en jo gemeente boud wurdt en befêstige  
yn 'e ienheid en de leafde  
fan ús Hear Jezus Kristus, jo Soan.

### **Opracht foar de befêstiging of ferbytenis fan in tsjinner fan it Wurd**

- 8 Wy binne de earsten net dy't yn leauwe  
de wei fan de belofte gean wolle,  
want in protte tsjûgen giene ús al foar.  
Tusken hope en freze giene ek hja  
op 'en paad nei it lân fan ûnthjit,  
nei in libben, in mei-inoar libjen,  
yn rjocht en gerjochtichheid,  
yn wierheid en frede,  
op Gods ierde ûnder syn himel.





Nea wie der brek oan minsken  
 dy't geandewei it paad wiisden:  
 de aartsfaders en -memmen yn Israel.  
 Mozes en Elia, Deboara en Hulda,  
 sjongers, sjenners, prysters, profeten,  
 allegearre giene se ús foar op dat paad.  
 Net sûnder skuld binne se bleaun,  
 mar de God fan himel en ierde  
 rôp har aloan wer – en hja giene.

Doe't de tiid ryp wie, stjoerde Israels God  
 Him dy't Er leaf hie ús ek yn 'e mjitte.  
 Hy hat dy't fan Him binne leafhân oant yn 'e dea,  
 sa hat Er it paad nei it libben sljochte  
 en Hy ropt ús om Him dêrop te folgjen.

Apostels, evangelisten, hoeders en learaars,  
 hja hawwe tsjûge dat Jezus de wei is,  
 de wierheid ek, it libben sels,  
 yn freugde, ienfâld en barmhertigens.

*Ef 4:11*

Om dat paad sykjendewei te finen,  
 wolle wy folgelingen fan Kristus wêze,  
 bliuwe by it ûnderrjocht fan de apostels,  
 yn 'e mienskip fan de hilligen,  
 yn it dielen fan brea en beker  
 en yn it mei-inoar bidden.

*Joh 14:6*

*Hann 2:42*

Dêr geane de tsjinners jimme yn foar,  
 om jim te bemoedigjen en teplak te setten,  
 om de tsjûgen foar jim sprekke te litten,  
 om de iggewearders it swijen op te lizzen,  
 om mei jim allegear de lofsang te sjongen,  
 om mei jim om ûntferming te roppen  
 en om jim de tekens fan heil sjen te litten.  
 Mei-inoar op 'en paad nei it ryk fan 'e frede,  
 dêr't de gerjochtichheid wenje sil  
 en God wêze sil: alles yn allegearre.

*1 Kor 15:28*

**Amen.**

- 9 De apostel Paulus skriuwt:  
 'Ien-en-deselde is Hear oer allegearre dy't Him oanroppe;  
 hoe sille se Him oanroppe,  
 as se net yn Him leaud hawwe?  
 Hoe yn Him leauwe, as se net nei Him heard hawwe?  
 Hoe nei Him hearre, as net ien ferkundiget?  
 Hoe sille se ferkundigje, as se net stjoerd binne? –





Lykas beskreaun stiet:  
 Hoe wolkom binne de fuotten fan har  
 dy't it goede nijs bringe.' *Rom 10:12-15*  
 De gemeente fan ús Hear Jezus Kristus  
 is ta dizze taak roppen  
 yn hiel har tsjinst en al har leden;  
 mar yn 'e brief oan de Efeziërs lêze wy:  
 'Hy sels hat oan syn tsjerke guon jûn as apostels, oaren as  
 profeten,  
 wer oaren as evangelisten of hoeders en learaars,  
 om de hilligen ta te rissen foar it tsjinstwurk  
 om it lichem fan Kristus op te bouwen'. *Ef 4:11-12*  
 Dêrom wurde ta de tsjinst fan it Wurd  
 yn de iepenbiere betsjinning fan it Evangeelje,  
 yn de betsjinning fan de sakraminten  
 en yn it pastoraat fan de gemeente  
 dyjingen roppen en befêstige,  
 dy't har op dat amt taret hawwe.  
 Yn dat wurk sille se oparbeidzje mei alle oaren,  
 dy't it wurk fan tsjerke en gemeente  
 neffens har ropping tsjinje.

### **Tankgebed**

10 Wy tankje Jo, Heare God,  
 dat Jo minsken reewillich meitsje  
 om harsels te ferliezen  
 en foar oaren yn te stean.  
 Wy tankje Jo  
 dat Jo foargongers jouwe oan jo gemeente  
 en amtsdraggers om har de wei te wizen.  
 Jou harren de wiisheid fan jo leafde  
 en de faasje fan jo hillige Geast,  
 dat wy harren leare te earbiedigjen en te fertrouwen  
 as hiene Josels ús by de hân nommen.  
 Wy bidde Jo  
 dat se ús leare om it rjochte wurd te sizzen  
 op it rjochte plak.  
 Foar jo hiele tsjerke bidde wy  
 en foar dizze gemeente yn it bysûnder,  
 dat it oan har ôf te lêzen wêze sil  
 dat Jo ús begelieder binne en ús gids.  
 Brek by ús allegearre de wjerstân tsjin jo Geast,



dat Jo net om 'e nocht  
omsjogge nei jo meistanners,  
mar ús oan jo kant stean sjogge mei fidúsje yn jo takomst.  
**Amen.**

### **Gebed oer de jeften**

*Lêstroaster siden 295-304*

### **Prefaasje**

*Lêstroaster siden 295-304*

### **Foarbea**

11 O God,  
troch jo Geast liede Jo jo tsjerke.  
Dêrom hawwe Jo hjoed  
minsken yn jo tsjinst oansteld.  
Wy bidde Jo:  
dat se har der aloan oer ferwûnderje  
dat Jo har yn jo tsjinst brûke wolle.  
Jou harren leauwe  
dat se yn de tsjerke  
it lichem fan Kristus weromkenne.  
Jou har fêste hope  
dat ûnder ús  
jo keninkryk stal kriget.  
Jou harren trouwe leafde  
dat se de leden fan jo lichem  
by Jo bewarje.  
Sa bidde wy Jo  
troch jo leave Soan, ús Hear.  
**Amen.**

### 12 *foar in befêstige tsjinner fan it Wurd*

Bidde wy foar ús gemeente  
dy't hjoed in nije tsjinner yn har fermidden krige  
en foar jo tsjinner sels dy't dat amt besette mei.  
O God, Jo hawwe ús oan inoar tabetroud.  
Jou dat wy jo opdracht  
mei freugde en ynmoed  
oanfurdigje,  
inoar jo Wurd  
en de wei dy't Jo gien binne  
yn 't sin bringe.



Sêdzje ús oan jo Tafel.  
 Jou ús de moed om inoar te fertrouwen  
 en de trou om inoar te bemoedigjen.  
 Jou ús jo seine.  
 Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*

13 foar in befêstige diaken

Bidde wy foar ús gemeente  
 dy't hjoed in nije diaken yn har fermidden krige  
 en foar *har/him* dy't dat amt besette mei.  
 O God, Jo hawwe ús oan inoar tabetroud.  
 Jou dat wy jo opdracht  
 mei freugde en ynmoed  
 oanfurdigje  
 en inoar foargeane  
 yn barmhertigens en gerjochtichheid  
 ta heil fan de hiele wrâld  
 Jou ús jo seine.  
 Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*



14 foar in befêstige âlderling

Bidde wy foar ús gemeente  
 dy't hjoed in nije âlderling yn har fermidden krige  
 en foar *har/him* dy't dat amt besette mei.  
 O God, Jo hawwe ús oan inoar tabetroud.  
 Jou dat wy jo opdracht  
 mei freugde en ynmoed  
 oanfurdigje  
 en inoar hoedzje en noedzje,  
 dat jo gemeente libbet yn jo ljocht.  
 Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*



15 foar befêstige âlderlingen en diakens

Seinige God,  
 dizze minsken weagje it om yn jo tsjinst op wei te gean  
 en Jo weagje it mei harren.  
 Wês mei jo hillige Geast om harren hinne,  
 dizze dei en alle dagen,





dat se ta eare fan jo namme tsjinje meie,  
 dat se har liede litte  
 net inkeld troch wat op har ôfkomt,  
 mar troch wa't kommandewei is: jo Soan, jo Ryk  
 Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*

16 *foar befêstige âlderlingen en diakens*

Heare, ús God,  
 wy bidde Jo foar alle minsken  
 dy't har krêften en tiid yn jo tsjinst jaan wolle.  
 Lit har troch jo goedens hoekhâlde.  
 Jo, dy't ús ta tinken en tankjen oansette,  
 lear ús derop te betrouwen,  
 dat Jo by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan  
 as wy oait freegje of betinke doare. *Ef 3:20*  
 Jou dat wy net ús eigen eare sykje,  
 mar by alles wat wy sizze en dogge  
 it sin sette op Him  
 dy't ús Hear en Master is,  
 Jezus Kristus.  
 Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*



17 *foar befêstige amtsdraggers*

Wy bidde Jo  
 foar wa't Jo roppen hawwe  
 om yn jo tsjerke foargongers te wêzen  
 yn it neifolgjen fan Kristus;  
 foar biskoppen en synoaden,  
 foar predikanten en prysters,  
 diakens en âlderlingen –  
 dat se yn har ropping  
 weet hawwe fan de lieding  
 fan jo hân  
 en fan de tagedienens fan de gemeente  
 dy't har draacht en foar har bidt.  
 Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*



18 *foar in tsjinner fan it Wurd dy't befêstige is,*

*út te sprekken troch in diaken of âlderling*  
 Heare, ús God,  
 op dizze dei roppe Jo ús om jo tsjerke te wezen,





om oan jo Wurd stal te jaan op ierde,  
om bliid te wêzen mei wa't bliid binne,  
drôf mei de drôven,  
om te helpen dy't gjin helper hawwe,  
om jo heil te fieren by wetter, brea en wyn.  
Jou dat wy dy taak net ferjitte,  
dat jo stim net wei wurdt yn it rumoer fan de folken,  
dat wy dogge wat Jo fan ús freegje.  
Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*

Op dizze dei is yn ús gemeente  
in minske ta jo tsjinst roppen.  
Jo hawwe *har/him* oan ús jûn,  
in minske mei jeften en brekken,  
mei leauwe en twivel,  
oanroerd troch jo hillige Geast.  
Wy smeekje Jo  
dat Jo *har/him* bewarje by jo Wurd.  
Lear *har/him* de neden te ûnderkennen  
en de geasten te ûnderskieden;  
hoedzje *har/him* derfoar  
dat *se/er* yn heechmoed de minsken leechlizze soe;  
jou dat *se/er* mei freugde, wiisheid en stânfêstens  
jo gemeente foargean mei.  
En as de fijânskip fan de wrâld omraast,  
wolle Jo *har/him* dan hoekhâlde litte.  
Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*

Foar jo hiele gemeente en alle kristenen yn dit plak  
dêr't wy wenje en wurkje,  
bidde wy Jo,  
dat wy yn ús tsjinst  
frijmoedich wêze meie as Stefanus,  
dreaun as Paulus,  
mei it omtinken fan Maria,  
de tagedienens fan Marta,  
ôfwachtsjend as Tomas  
en – yn alle swakkens – rotsfêst as Petrus.  
Jou dat wy,  
mei dizze tsjinner yn ús fermidden,  
tsjûgen binne fan jo leafde foar minsken en jo trou.







Sa bidde wy Jo:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*

19 *fan in befêstige âlderling*

Heare, ús God,  
 wy bidde Jo:  
 lit der romte, omtinken en leafde wêze  
 yn dizze gemeente,  
 fan jong oant âld,  
 foar elk dy't op ús wei komt.  
 Lit yn alles wat wy dogge en sizze  
 jo leafde te sjen wêze,  
 dat wy inoar treaste kinne.  
 Bemoedigje ús om Jo troch te tsjinjen  
 en meitsje ús ienriedich  
 as jo gemeente,  
 as it lichem fan jo Soan.  
 Sa bidde wy allegear mei-inoar:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*



20 *fan in befêstige diaken*



O God, wy bidde Jo:  
 meitsje fan jo tsjerke in mienskip  
 dêr't leafde wennet  
 en minsken de romte fine  
 om dêr ek mei har soargen en fertriet oan te kommen.  
 Lear ús it antlit fan Kristus werom te kennen  
 yn wa't earm, hongerich, bûtensletten of finzen binne,  
 dat wy it brea mei harren brekke en diele,  
 gastfrij binne  
 en net neilitte,  
 om te besykjen dy't yn in tichthûs sitte.  
 Sa bidde wy allegear mei-inoar:  
*akklamaasje (sprutsen of songen)*



21 Tsjinjende en hoedzjende God,  
 wy roppe Jo oan foar Jo hiele tsjerke,  
 hjir om ús hinne  
 en yn jo wide wrâld,  
 en foar alle minsken  
 dy't dêr in taak yn hawwe,





foar harren dy't bestjoere moatte  
 en foar wa't aksje fiere,  
 foar wa't bidde yn 'e stilte  
 en foar wa't lûdop protestearje,  
 wa't wille hawwe meie  
 fan harren posysje yn 'e tsjerke  
 en foar wa't fan harren posysje  
 te lijen hawwe,  
 foar tsjerkerieden en parochybestjoeren,  
 predikanten en prysters,  
 synoaden en biskoppen,  
 wrâldried en paus,  
 en foar elk fan ús  
 dy't leaut, beliidt, tsjûget,  
 op it plak dat wy krigen hawwe,  
 op 'e wize dy't ús past:  
 meitsje ús ree om te tsjinjen,  
 ree om te hoedzjen en noedzjen,  
 lykas wy tsjinne en hoede wurde  
 troch de minske fan jo leafde.

**Amen.**

22 Almachtige God,  
 wy loovje Jo  
 om alle minsken dy't Jo troch de ieuwen hinne  
 roppen hawwe yn de tsjinst fan jo tsjerke.  
 Meitsje jo wil bekend  
 oan harren dy't Jo hjoed brûke wolle,  
 dat se de taak dy't harren wachtet fersteane.  
 Sterkje harren by it folbringen fan har ropping  
 en bewarje harren yn jo tsjinst  
 as dimmene en trouwe minsken.  
 Om Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

23 Wy bidde Jo, o God,  
 foar jo tsjerke yn dizze wrâld –  
 dat kristenen mei hiel har hert  
 jo leafde beäntwurdzje,  
 dat se jo keninkryk tsjinje wolle,  
 mei in leauwen, dat sterke wurdt  
 troch in libben betinken  
 fan de bywêzigens fan Kristus,



frij en frijmoedich,  
om te gean dêr't Hy harren hinnebringt  
om 'e wille fan syn Namme.  
**Amen.**

### **Lêste gebed**

24 Almachtige God,  
dy't yn jo wiisheid  
safolle jeften skonken hawwe oan jo tsjerke,  
jou jo genede, sa smeeke wy,  
oan alle minsken dy't roppen binne  
om jo gemeente te tsjinjen.  
Jou har wierheid en goedens yn oerfloed,  
sadat se betrouber binne yn har tsjinst  
ta eare fan jo Namme en ta heil fan jo tsjerke.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear,  
dy't mei Jo en de hillige Geast  
ien ienich God,  
libbet en regearret yn ivichheid.  
**Amen.**

*sjoch ek Lêsroaster siden 295-304*



# Lêstroaster

## 1 Tsjinner fan it Wurd

*Gebed fan de dei*

God, ús Heit,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús troch jo Soan roppen hawwe  
ta de mienskip fan jo tsjerke de hiele wrâld oer.  
Hear ús gebed foar dy't Jo trou binne,  
dat elkenien yn eigen ropping en tsjinstwurk  
in ynstrumint fan jo leafde wêze mei.  
Jou jo hiele gemeente,  
en benammen *har/him/harren*  
dy't wy hjoed befêstigje sille  
yn it amt fan tsjinner fan it Wurd,  
de jefte fan jo Geast.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

*Lêzingen*

Profeten	Jesaja 61:1-9
Antwurdpsalm	100
Brieven	Efeziërs 4:1-16
Evangeelje	Johannes 20:19-23

*Gebed oer de jeften*

Hillige God  
Jo hawwe ús roppen  
om Jo te tsjinjen  
en neffens Jo wil te libjen.  
Wy bidde Jo:  
nim yn dizze jeften  
(fan brea en wyn)  
ús reewilligens oan  
om yn jo wyngerd te wurkjen  
ta wolwêzen fan oaren  
en fan jo hiele tsjerke,  
neffens it foarbyld fan Jezus,  
jo Soan, ús Hear,

**Amen.**



### *Prefaasje*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
 dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
 almachtige Heit, ivige God,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear –  
 omdat Jo net ophâlde  
 om út it fermidden fan jo gemeente  
 tsjinners en tsjinsters  
 te roppen en te befêstigjen –  
 om jo wurd te betsjinjen  
 en stal te jaan oan jo omsjen nei minsken.  
 Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*of*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
 dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
 almachtige Heit, ivige God,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear,  
 dy't nei syn ferrizenis  
 oan Maria Magdalena ferskynd is  
 en dêrnei oan de tolve,  
 dy't harren mei frede groete hat  
 en har útstjoerd hat,  
 de wrâld yn,  
 om rûnom it evangeelje te ferkundigjen  
 en de hiele skepping diele te litten  
 yn jo Geast dy't libben makket.  
 Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

### *Lêste gebed*

Almachtige God,  
 Hoeder en Gids fan jo tsjerke,  
 (wy tankje Jo  
 foar it brea fan jo libben  
 en de wyn fan jo keninkryk),  
 sjoch genedich del op N,  
 jo tsjinner,  
 dy't Jo útkeazen hawwe  
 om in hoeder foar jo gemeente te wêzen  
 en jou  
 dat *se/er* in betroubere foargonger wêze sil,  
 dat *hja/hy* mei allegearre  
 dy't *har/him* tabetroud binne





ienris ta de gloarje fan jo Keninkryk komme sil.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

## 2 Tsjinner fan it Wurd

*Gebed fan de dei*

God, ús Heit,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús troch jo Soan roppen hawwe  
ta de mienskip fan jo wrâldwide tsjerke.  
Hear ús gebed foar dy't Jo trou binne,  
dat elkenien yn eigen ropping en tsjinstwurk  
in ynstrumint fan jo leafde wêze mei.  
Jou jo hiele gemeente,  
en benammen *har/him/harren*  
dy't wy hjoed befêstigje sille  
yn it amt fan tsjinner fan it Wurd,  
de jefte fan jo Geast.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**



*Lêzingen*

Thora	Numeri 27:12-23
Antwurdpsalm	119:165-176
Brieven	Efeziërs 4:1-16
Evangeelje	Johannes 21:15-17



*Gebed oer de jeften*

Hillige God  
Jo hawwe ús roppen  
om Jo te tsjinjen  
en neffens Jo wil te libjen.  
Wy bidde Jo:  
nim yn dizze jeften  
(fan brea en wyn)  
ús reewilligens oan  
om yn jo wyngerd te wurkjen  
ta wolwêzen fan oaren  
en fan jo hiele tsjerke,  
neffens it foarbyld fan Jezus,  
jo Soan, ús Hear,

**Amen**





### *Prefaasje*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
 dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
 almachtige Heit, ivige God,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear –  
 omdat Jo net ophâlde  
 om út it fermidden fan jo gemeente  
 tsjinners en tsjinsters te roppen –  
 om jo wurd te betsjinjen  
 en stal te jaan oan jo omsjen nei minsken.  
 Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*of*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
 dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
 almachtige Heit, ivige God,  
 troch Jezus Kristus, ús Hear,  
 dy't nei syn ferrizenis  
 oan Simon en de oare dissipels ferskynd is  
 en mei harren it miel hold  
 as teken fan syn Keninkryk,  
 dy't yn syn einleaze trou minsken ropt  
 om jo folk yn jo Wurd te weidzjen  
 en yn jo leafde te lieden.  
 Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

### *Lêste gebed*

Almachtige God,  
 Hoeder en Gids fan jo tsjerke,  
 (wy tankje Jo  
 foar it brea fan jo libben  
 en de wyn fan jo keninkryk),  
 sjoch genedich del op N,  
 jo tsjinner,  
 dy't Jo útkeazen hawwe  
 om in hoeder foar jo gemeente te wêzen  
 en jou  
 dat *se/er* in betroubere foargonger wêze sil,  
 dat *hja/hy* mei allegearre  
 dy't *har/him* tabetroud binne  
 ienris ta de gloarje fan jo keninkryk komme sil.  
 Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen**





### 3 Diakens

#### *Gebed fan de dei*

God, ús Heit,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús troch jo Soan roppen hawwe  
ta de mienskip fan jo wrâldwide tsjerke.  
Hear ús gebed foar dy't Jo trou binne,  
dat elkenien yn eigen ropping en tsjinstwurk  
in ynstrumint fan jo leafde wêze mei.  
Jou jo hiele gemeente,  
en benammen *har/him/harren*  
dy't wy hjoed befêstigje sille  
yn it amt fan diaken,  
de jefte fan jo Geast.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

#### *Lêzingen*

Profeten	Jesaja 42:1-9
Antwurdpsalm	100
Brieven	Romeinen 12:1-12
Evangeelje	Markus 10:35-45

#### *Gebed oer de jeften*

Hillige God  
Jo hawwe ús roppen  
om Jo te tsjinjen  
en neffens Jo wil te libjen.  
Wy bidde Jo:  
nim yn dizze jeften  
(fan brea en wyn)  
ús reewilligens oan  
om yn jo wyngerd te wurkjen  
ta wolwêzen fan oaren  
en fan jo hiele tsjerke,  
neffens it foarbyld fan Jezus,  
jo Soan, ús Hear,

**Amen.**

#### *Prefaasje*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
dat wy Jo seinigje, Hear ús God,

almachtige Heit, ivige God,  
troch Jezus Kristus, ús Hear –  
omdat Jo net ophâlde  
om út it fermidden fan jo gemeente  
tsjinners en tsjinsters  
te roppen en te befêstigjen –  
en stal te jaan oan jo omsjen nei minsken.  
en jo gerjochtichheid te behertigjen.  
Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*of*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
almachtige Heit, ivige God,  
troch Jezus Kristus, ús Hear,  
dy't net kaam om tsjinne te wurden,  
mar om te tsjinjen  
en syn libben te jaan  
ta lospriis foar in protte minsken.  
Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

#### *Lêste gebed*

Hear Jezus, Tsjinner fan minsken,  
(wy tankje Jo  
foar it brea fan jo libben  
en de wyn fan jo keninkryk en)  
wy bidde Jo:  
jou oan harren  
dy't Jo roppen hawwe ta it amt fan diaken,  
in myld en tawijd hert  
om trou te wêzen yn harren tsjinstwurk  
en jo gemeente foar te gean  
op de wei fan gerjochtichheid.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

#### **4 Alderlingen**

##### *Gebed fan de dei*

God, ús Heit,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús troch jo Soan roppen hawwe

ta de mienskip fan jo wrâldwide tsjerke.  
Hear ús gebed foar dy't Jo trou binne,  
dat elkenien yn eigen ropping en tsjinstwurk  
in ynstrumint fan jo leafde wêze mei.  
Jou jo hiele gemeente,  
en benammen *har/him/harren*  
dy't wy hjoed befêstigje sille  
yn it amt fan âlderling,  
de jefte fan jo Geast.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

*Lêzingen*

Profeten	Ezechiël 34:11-16
Antwurdpsalm	95
Brieven	Hannelingen 20:13-38
Evangeelje	Johannes 10:11-18

*Gebed oer de jeften*

Hillige God  
Jo hawwe ús roppen  
om Jo te tsjinjen  
en neffens Jo wil te libjen.  
Wy bidde Jo:  
nim yn dizze jeften  
(fan brea en wyn)  
ús reewilligens oan  
om yn jo wyngerd te wurkjen  
ta wolwêzen fan oaren  
en fan jo hiele tsjerke,  
neffens it foarbyld fan Jezus,  
jo Soan, ús Hear,  
**Amen.**

*Prefaasje*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
almachtige Heit, ivige God,  
troch Jezus Kristus, ús Hear –  
omdat Jo net ophâlde  
om út it fermidden fan jo gemeente  
tsjinnere en tsjinstere  
te roppen en te befêstigjen –

en stal te jaan oan jo omsjen nei minsken.  
en jo gemeente te bouwen.  
Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*of*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
almachtige Heit, ivige God,  
troch Jezus Kristus, ús Hear,  
de goede Hoeder,  
dy't syn libben ynset hat  
foar syn skiep  
en nei syn ferrizenis  
syn learlingen roppen hat  
om hoeders fan minsken te wêzen.  
Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*Lêste gebed*

God, Hoeder fan minsken,  
(wy tankje Jo  
foar it brea fan jo libben  
en de wyn fan jo keninkryk en)  
wy bidde Jo  
jou oan harren  
dy't hjoed yn har amt befêstige binne,  
dat hja fertrouwend op jo beloften  
frijmoedich har taak op har nimme  
en dêr trou yn binne,  
ta eare fan jo Namme.  
en ta freugde fan ús allegearre.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.  
**Amen.**

## **5 Diakens en âlderlingen mei-inoar**

*Gebed fan de dei*

God, ús Heit,  
wy tankje Jo  
dat Jo ús troch jo Soan roppen hawwe  
ta de mienskip fan jo wrâldwide tsjerke.  
Hear ús gebed foar dy't Jo trou binne,  
dat elkenien yn eigen ropping en tsjinstwurk  
in ynstrumint fan jo leafde wêze mei.

Jou jo hiele gemeente,  
en benammen harren dy't wy hjoed befêstigje sille  
yn it amt fan âlderling en diaken,  
de jefte fan jo Geast.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

*Lêzingen*

Thora	Numeri 11:24-30
Antwurdpsalm	132
Brieven	1 Korintiërs 12:1-11
Evangeelje	Mattéus 9:35-38

*Gebed oer de jeften*

Hillige God  
Jo hawwe ús roppen  
om Jo te tsjinjen  
om neffens Jo wil te libjen.  
Wy bidde Jo:  
nim yn dizze jeften  
(fan brea en wyn)  
ús reewilligers oan  
om yn jo wyngerd te wurkjen  
ta wolwêzen fan oaren  
en fan jo hiele tsjerke,  
neffens it foarbyld fan Jezus,  
jo Soan, ús Hear,

**Amen.**

*Prefaasje*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
almachtige Heit, ivige God,  
troch Jezus Kristus, ús Hear.  
Wy tankje Jo  
dat Jo net ophâlde  
om út it fermidden fan jo gemeente  
tsjinnere en tsjinstere  
te roppen en te befêstigen –  
en stal te jaan oan jo omsjen nei minsken.  
jo gemeente te bouwen  
en jo gerjochtichheid te behertigjen.  
Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*of*

Ja wier, it is goed en it jout foech  
dat wy Jo seinigje, Hear ús God,  
almachtige Heit, ivige God,  
troch Jezus Kristus, ús Hear,  
dy't him fan herten ûntferme  
oer de mannichte  
en syn learlingen  
as arbeiders yn jo rispinge  
útstjoerd hat.  
Dêrom, mei ingels en aartsingels ...

*Lêste gebed*

God, Hoeder fan minsken,  
(wy tankje Jo  
foar it brea fan jo libben  
en de wyn fan jo keninkryk en)  
wy bidde Jo:  
jou oan harren  
dy't hjoed yn har amt befêstige binne,  
dat hja yn betrouwen op jo beloften  
frijmoedich har taak op har nimme  
en dêr trou yn binne,  
ta eare fan jo Namme.  
en ta freugde fan ús allegearre.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear.

**Amen.**

# Lietesuggestjes

## *Ofkoartingen fan lietebondels*

LfdT Ps	Lieteboek foar de Tsjerken: Psalm
LfdT Gs	Lieteboek foar de Tsjerken: Gesang
Tb I	Tsjinstboek – <i>in oanset</i> , diel I Skrift – Miel – Gebed
Tt	Tuskentiden



---

**Plak yn de oarder Earste rigel**

psalm of gesang

Wa komt it foarrjocht ta, o Hear  
 Hoe leaflik is jo hûs, o Hear  
 Lit my wer libje, Hear, Jo hawwe 't sein.  
 Jim, tsjinnern fan de Heare, kom  
 Kom, priizgje no de Heare  
 Dy't himel en ierde makke hat  
 Wurd krêftich yn 'e Hear  
 Kom, Skepper, hill'ge Geast, ferskyn  
 Geast fan God de Heare, kom  
 Kom, Skepper, Geast, ús hert benei  
 Kom, hillige Geast, Heare God  
 Wy bidde Jo, o hillige Geast  
 Hear, slaan sels jo hân te roer  
 Jo hillich wurd, o Heare  
 Jo Wurd wol my omfiemje  
 De Geast fan God is op de man  
 Kom út 'e himel del, o Hear  
 Hy dy't in wurd joech dat nei 't libben liedt  
 Hillige Geast, Jo binne as de wyn  
 Wat wol de Hear noch mear

litany

Mei jo ingels  
 Mei Abel en Henoch







<b>Bondel</b>	<b>Opmerkingen</b>
LfdT Ps 15	
LfdT Ps 84	
LfdT Ps 119	fers 7 en 8
LfdT Ps 134	
Tb I, Psalm 134, antifoan I	
Tb I, Psalm 134, antifoan II	
LfdT Gs 96	
LfdT Gs 237	foar befêstigingsgebed
LfdT Gs 238	foar befêstigingsgebed
LfdT Gs 239	foar befêstigingsgebed
LfdT Gs 240	foar befêstigingsgebed
LfdT Gs 241	foar befêstigingsgebed
LfdT Gs 306	
LfdT Gs 341	
Tt 42	
Tt 72	
Tt 111	
Tt 113	
Tt 180	
Tb II, s. 308 (ZG V, 80)	
Tb I, liturgyske sangen 135	
Tb I, liturgyske sangen 136	





## Wat wol de Hear noch mear fan ús

1 Wat wol de Hear noch mear fan ús  
as dat wy rjocht dog - ge,  
trou bin-ne en troch - gean op syn wei?

- 2 Wat wol de ierde mear fan ús  
as dat wy tsjinje en  
hoedzje as minsken nei Gods byld?
- 3 Wat wolle minsken mear fan ús  
as dat wy brekke en  
diele sa't ús it foar dien is?
- 4 It is de Geast dy't ús beweecht  
Gods wil te dwaan en te  
soargjen foar al wat libje mei.

*tekst* Bill Wallace

*bewurking* Willem van der Zee 'Wat vraagt de Heer nog meer'

*oersetting* Atze Bosch

*meldij* Arie Eikelboom

Begelieding: 'Zingend Geloven' V, 80



YNLIEDING  
YN IN BETSJINNING



